


Burgumers, verhalen zelf



Uitgave Nut Bergum

Burgumers, verhalen zelf

Een verhalen bundel voor en door (oud) Burgumers

Uitgave Nut Bergum e.o. – Redactie Taeke Doevendans 2011

Inhoud

Voorwoord.....	3
Historie NUT departement Bergum e.o.	4
Dirk Scherjon – De Burgumerdaam, ferhalen oer bewenners.....	7
Rinze van der Wal – Mijn oantinkens oan de Legewei yn de 50-er jirren	26
Jeltsje Haisma-Boskma – Tjalling Hajes en Burgum	43
Pieter Bekkema – De Bekkema’s”karriders van Burgum	45
Klaas R. Henstra – De Burgumer barakken.....	56
Jittie Bosma-Hoekema – Anne Hoekstra, oorlogsherinneringen van een timmerfeint.....	67
Fototentoonstelling Waldman	97
Gelske Hoekstra - Postma, beter bekend als Van der Noot	104
Pieter de Vries - Op t paard naar pake Douwe Postma.....	105
Teake Doevendans – Douwe’s gratie van ons konijn	106
Steun het OBSERVEUM.....	108

Voorwoord

Een boek geschreven door en voor Burgumers e.o., onder de titel “**Burgumers, verhalen zelf**”.

Een vervolg op de vraag van het Nut Bergum aan mij om over oud plaatsgenoten te schrijven. Een megaklus waarop ik niet ben ingegaan. Wel het idee sprak me aan, omdat er een generatie vertellers en schrijvers over “gewone” recente dorps historie verdwijnt.

Hetzelfde leefde bij mij reeds als fotograaf rond 1975 toen ik een fotoboek maakte over “Wâldman” Douwe Postma.

Deze fotoserie is dan ook de start geweest als tentoonstelling in de bibliotheek en “Berchhiem”. Via een verzoek aan de Nutleden en de media is daarna gevraagd een bijdrage te schrijven over Burgumers en hun belevenissen, beroepen en anekdotes.

Het is geworden wat u hierin kunt lezen, een mooie bloemlezing over uw dorp en haar inwoners.

Naast aanvullingen kwam het vooral tot stand door de inzet van de inzenders Dirk Scherjon, Rinze van der Wal, Jeltsje Haisma-Boskma, Pieter Bekkema, Klaas Henstra, Jittie Bosma-Hoekema, Gelske Hoekstra-Postma, opmaak Wichard Dijkstra en stijl- en taalcorrector Fokke Broers.

Ik ben blij dat het Nut hiermee kan laten zien dat lokale betrokkenheid kan leiden tot een “eigen” uitgave. Over wat zich hier ter plaatse heeft afgespeeld, beschreven letterlijk uit de eerste hand.

Hopelijk geniet u er net zo van als ik. Veel leesplezier in herkenning en verbazing.

© 2011 - *Taeke Doevendans* - voorzitter Nut en redacteur

Bewerking, 10-01-2024

Met toestemming van de huidige voorzitter van het NUT en Taeke Doevendans is het bestaande [document](#) van 2011 bewerkt door Willem Helfrich en omgezet naar een pdf bestand. Het bestand “Burgumers, verhalen zelf” mag worden gebruikt als E-book voor het OBSERVEUM in Burgum.

© 2024 www.observeum.nl

Historie Nut departement Bergum e.o.

Verleden in kort bestek.

De Maatschappij tot Nut van 't Algemeen is landelijk opgericht in 1784 door Jan Nieuwenhuijzen in Edam.

Het departement Nut Bergum e.o. iets later, n.l. op 26 augustus 1799 door "edele mensenvrienden". Dit met de doelstelling om de arme burger onderwijs te geven. De eerste voorzitter in Burgum was ds. Beekhuis.

De maatschappij werd opgericht met een aantal doelstellingen, n.l. onderwijs, bibliotheek, volksontwikkelingswerk en huizenbouw, spaarbanken en verzekeringen.

Departement Bergum e.o. heeft in haar bestaan aan al deze Nut doelstellingen voldaan.

In 1800 werd door ds. Ferf de eerste Nutspaarbank opgericht en enkele jaren later in 1805 werd, op voorstel van de heer Kloek, de Nutbibliotheek opgericht. Deze is 160 jaar in het bezit geweest van het Nut en in 1965 met 3000 boeken overgegaan naar de huidige plaatselijke openbare bibliotheek.



Opening van de nieuwe Nutskleuterschool aan de Schoolstraat op 9 augustus 1926

Nog een betekenisvolle datum is de oprichting in 1855 van de z.g. Bewaarschool (later de Nutskleuterschool) en de Nutsnaai- en breischool. Ook zijn er vele diverse andere "nuttige" cursussen gegeven.



Een klassenfoto van de Nutskleuterschool rond 1949 met juf Glas.

Het Nutsonderwijs is in 1982 overgegaan naar het reguliere basisonderwijs. De kleuterschool had hiermee zijn functie verloren en is thans muziekschool.



Hedendaagse activiteiten.

In 1990 is gestart met een cultureel programma in het herfst- en winterseizoen, met o.a. lezingen, muziek, cabaret, film en excursies. Ook worden er avonden georganiseerd samen met de lokale bibliotheek.

In 1986 is de Nutsspeel-o-theek opgericht. Deze wordt geheel gerund door vrijwilligers. Tegen een geringe contributie kan de jeugd (0 tot 9 jaar) er binnen- en buitenspeelgoed, spellen, puzzels, etc. lenen.

Algemeen en iedereen.

Het Nut staat los van iedere politieke of levensbeschouwelijke stroming en tracht met cultuur en kennisverbreding zinvol bezig te zijn voor alle lagen van de bevolking met een laagdrempelig lidmaatschap.

Meer weten:

In het boek "Burgum, wâld- en wetterdoarp" van Hindrik van der Vliet is uitgebreid aandacht besteed aan de geschiedenis van het Nut Bergum e.o. Voor hen die hier belang aan hechten kunnen dit via de bibliotheek inzien.

Mijn bijdrage: Dirk Scherjon

De Burgumerdaam, ferhalen oer bewenners



Nei de Daambrêge

Wy binne yn maaie 1929 op de âlde Burgumerdaam yn it hús fan Taeke Venema en syn frou Gelske kaam te wenjen. Heit hierde it foarste part. Myn broer Theun en ik sliepten yn de bedstee en ik wyt noch dat ik dan jûns altyd efkes troch de bedstee doarren seach, oft de stoomtram om in oere of sân fan de Sumarder kant kaam en mei in protte lúd oer de brêge dindere, mei 't er fan de feste grûn oergang op de houten brêge.

As jonkje mocht ik ek wolris mei de brêgedraaier op de brêge mei draaie om de skippen troch te litten. Ek mocht ik dan wol mei it klompke oan de angel de sinten fange fan de skippers. No dat wie machtich, dan fielde ik my ek in bytsje brêgedraaier.

Alle wiken gong er wol in houtflot troch. Dit wie hout dat út Skandinavië kaam en brocht waard nei de houtseagerijen yn Hollân. De flotten waarden lutsen troch ien of twa sleepboaten. De mannen hienen it wol drok om it flot goed troch de brêge te krijen. Mei grutte kloeten stjoerden sy sa goed as mooglik it spul troch it brêgegat. Dizze mannen libben dan ek fanôf Delfsyl op it flot. Hjir stie in tintsje op en sy koene har iten ek op it flot siede.

Skûtsje libben

Yn dy tiid wie it al drok op it wetter. In protte skûtsjes sylden en moasten fansels troch de brêge. Dan moast it seil wat sakje, oars hie it te folle gong. De skippers waarden der op attint makke troch in buordsje dat op 100 meter foar de brêge op de wâl stie mei it opskrift "strike".

Wy lieten ús as jonges fan in jier as tsien wol ris mei slepe mei in roeiboatsje. Efter in skip oan mei nei de Wide Ie. Dan sylden wy werom op ús manier nei de Daam. De froulju fan de skippers hienen in swier libben. Stie der in hurde wyn, dan gong foar de wyn del. Mar op 'e kop of mei stil waar dan wie it bome mei de kloet of yn de line mei de feint of de bern (as dy oan board wienen). De fracht bestie hast altyd út turf, klaaimodder of yn 'e hjerst út biten.

Yn 'e simmer, as men yn 'e line rûn, kamen se ek wol foar in net te grutte sleat. Dan gongen sy mei de klean oan der troch. Mei de sinne en de wyn droege it wol wer.

Opkomst fan de motor

Om de tritiger jierren hinne kamen de "opdruckers". It wiene lytse boatsjes mei in âlde Ford motor der yn. Sa'n boatsje waard efter it grutte skip befêstige. De measte skûtsjes sieten om de 30 ton lading hinne. No kin der mear op ien frachtwein.

Dan farden der noch de beurtskippers. Yn Burgum de "Vier Gebroeders" fan kapiten Jochum van der Wielen. De boat wie neamd nei de fjouwer broers Jochum, Roel, Hendrik en Douwe. Yn Sumar wienen de Venema's en fierders ferskate plakken oan it wetter eastlik fan de mar.

Ek gruttere boaten hienen in fêste tsjinst fan Amsterdam nei Grins, sa as de "Stânfries" en de Hunzeboaten. De skippen út de omkriten farden alle freeds nei Ljouwert om der fee hinne te bringen. Se kamen dan wer thús mei: ek wer fee, mar ek wol mei guod foar de winkels en moal foar de bakker.

Scherjon's klompen

Heit hie syn wurkplak yn it achterste hok fan de grutte skuorre. Dêr makke hy de klompen noch mei de hân. Spesjaal foar de mannen fan it bûterfabryk en de Thermo (stjonkfabryk) makke hy wurkklompen. Dit wienen klompen wer 't wat mear hout ûnder siet en út wylgen beammen kamen. Se kosten 1 gûne it pear en kamen net yn 'e ferve. Alles wie makke mei de hân, ek it glêdmeitsjen. Dit gong mei in stikje ôfbrutsen glês. Hjir siet altyd in skerp rântsje oan. Moasten de klompen ferve wurde, dan gong hy der mei in stikje skuorpapier oer hinne. Foar it fervjen waard earst noch in figuerke op de klompen oanbrocht. Dit waard der gau yn "ritst". Mar de saneamde "sneinsklompen" die er mei in houtsnijmeske. It like dan in bytsje op it model fan in skoech. Of der kaam in tulp mei in takje op.

Ek ús mem wurke mei. Tegearre sagen se de rollen (rûne stikken út de beam). En sa hat sy ek hûnderten pearen yn 'e ferve setten.



Klompmaker Jacobus Scherjon

De beammen waarden opslein yn in grutte bulte dy 't tsjin de feart oan lei. It hout waard kocht yn 'e omkriten, mar ek wol by Hearrenfean en Wolvegea. By it earste kaam it mei hynder en wein thús. Brocht troch Symen Veenstra (Symen-Baaije) en Siede Klompstra. Fierder fuort wie dat in frachtwein mei oanhinger. Ek Auke Boskma hat ris in pream mei beammen ophelle út Jistrum. De "opdrukker" efter de pream en sa tufte it spul op de Daam ta.

Hellen se it hout fan fierrens, dan naam heit in trompke mei iten mei. Kamen se dan wer thús, dan sieten der altyd noch wol in pear stikken bôle yn. Dat mochten we as bern dan opite. It wie dan lekker en it smakke dan suver in bytsje nei it farske hout. Heit gong der ek op út om beammen te keapjen. Altyd en alles op 'e fyts. Mar fier fuort sa as nei Wolvegea koe hy moarns om fiif oere wol meiride mei in auto fan de Thermo. De fyts yn de laadbak en dan dêr de hiele dei omfytse foar beammen ynkeap en dan wer op 'e fyts nei hûs.

Oer Taeke skipper en oaren

Taeke Venema en syn frou Gels Brouwer wennen efter ús yn itselde hûs yn in lyts keammerke. Taeke (hoe't hy oan de bynamme fan "Taeke Slik" kaam wit ik net) wie turfskipper en in lange meagere man. Gels dy 't ek mei oparbeide wie in sterke frou. Yn har jonge jierren stie se bekend as hurdrydster. Op de frouljuriderijen yn it Noarden hat sy in protte jild prizen wûn.

Yn de grutte skuorre wiene û.o. in protte turf, baalders, cokes en briketten opslein. Lange turf besoargen sy mei hynder en wein by de bakkers. De oare brânje by de minsken yn in lange skokarre (yn myn jongeseagen in almachtige grutte karre). Der wie ek noch in soan, Jan, yn hûs. Hy wie keeper by Burgum. Wy seagen tsjin sokke footballers wol in bytsje op.

In âldere soan fan harren wie Feije. Letter troude mei west mei Jantsje Dijkstra, dochter fan Bindert en Riemkje. Bindert wurke yn Burgum by de "ûnderlinge Brânfersekering". Mar hy wie ek doarpsomropper, leedomsizzer en boade by de begraffenis-ûndernimming.

Dizze Feije en syn frou Jantsje wennen yn in skûtsje dat lei efter ús hûs yn it Westerhei. De turf hellen sy út Grinslân en it Drintse fean.

Ik mocht graach by harren yn it skûtsje wêze. It blonk er fan skjinnens yn it foarûnder en it wie der smûk. Ek gesellich mei de blom potsjes foar de lytse rûtsjes en op it skoarstienmanteltsje de lytse byldsjes.

By it bjinstap oan de grutte feart, flak by de brêge, spilde Gels de pannen en boarden om. De wask waard hjir útspield. Mar ek de húsketonne kaam yn de feart of oer de tún. De ierdbeien waaksen der goed op !!



In byld fan in bjinstap ('t stall)

Dan lei der efter ús tún in pream fan Evert Venema. It wie in frij feint en famylje fan Taeke-Gels. Syn wenromte wie net grut. In lyts foarûnder yn de pream mei in kacheltsje en sliepstee. It itenspotsje makke hy sels klear yn in getten izeren pantsje en der iet er dan ek út. Hie hy it iten op, dan kaam it lid der op. Wat er oer hie makke hy de oare deis wer waarm. Ek hy makke it itensspul skjûn yn de feart. Evert wie in grut leafhawwer fan fiskjen. Altyd op karper, tusken de remmingswurken ûnder de brêge yn in hiel lyts skouke en hy koe dêr de fisk omraak fange. It wurk bestie doe noch út klaaimodder farren. Dat helle der fan 'e klaai en brocht dit oer de greiden yn 'e omkriten. Alles waard mei in lytse kroade (pipegaaltsje) oer it lân brocht. It yn- en útladen barde mei de skeppe.

Molkfarre en aai sykje

Jan Venema, soan fan Taeke-Gels, farde mei Melle Pebesma út Sumar, soan fan de fisker Tjibbe. Dit op in motorboatsje fan it "Kondins-fabryk" út Ljouwert. Yn it skipke leinen in pear molktanken en fierder hienen sy boppe oan it dek noch in protte 40 liter molkbussen. De molke waard ophelle fan de molkfabriken dy 't oan de feart stienen, lykas De Pein. Dat en fan oaren brochten se nei de stêd. Melle hat letter ek brêgedraaijer west op de Burgumerdaam. It molkfarren hâlde healwei de tritiger jierren op. Doe kamen de tankauto's op de dyk.

Yn de maaitiid helle Jan de protterraaien fan de grutte skuorre en dy waarden sean yn de tsjettel en opiten. As it ferbeane tiid wie gongen sy it lân by nacht wol yn mei in lange line en slepten dit oer it lân. Kaam de line tsjin in fûgel oan, dan fleach dizze omheech en runen de mannen mei in buslampe by de line lâns om it nêst te finen.

Mear turfskippers

Japik Skipper wenne oan de noardkant mei syn soan Piter. Sy hienen ek in skûtsje en hellen de turf út Drinte. Hjir hat Piter syn frou moete en dy is meikommen nei Burgum. Nei de trochbraak fan it nije kanaal hawwe Piter en Tjits harren by de Kolk te wenjen set. Njonken hûs stie in grut hok foar de opslach fan turf dy 't Japik útsutele mei in lange skokarre.

Auke Boskma wie ek turfskipper. Letter farde hy mei tsiis en swarte branje foar it bûterfabryk. Hy wie troud mei Hiltse, dochter fan Japik. Auke hat yn 'e rin fan 'e tiid in hûs sette litten op 'e Daam tusken slachter Jan Swart en Postma, direkteur fan "Elkanders Belang" fersekerings.

Frachtfarders



De boat "De Vier Gebroeders"

Oan de opslach lei de boat "De 4 Gebroeders" mei as kaptein Jochem van der Wielen, neamd nei de fjouwer broers: Jochem, Roel, Hindrik en Douwe. De boat waard stocht mei cokes. De boat hie in fêste tsjinst tusken Burgum en Grins op tiisdei en nei Ljouwert op freed.

Yn dy tiid gongen de kij en ek it lytsfee út de omkriten fan Burgum mei de boat nei de feemerk.

Fierder hienen sy yn de maitiid ek fracht fan de lytse kwekerijen en tûnkers en ek fan aai-hannel Taeke van der Meer. De aaien gongen nei de banketbakkers yn Grins, ek nei in advokaatfabryk en winkels. Ut de stêd kaam moal foar de bakkers, winkelguod foar de etlike lytse winkelstjes yn Burgum. Jochem brocht in protte fan dit spul mei in platte skokarre by de klanten lâns. (Sumar hie ek in boat, Arjen Venema). By de boat

wurken ek twa Jannen, beiden wienen it Van der Meers en ek neven fan elkoar. Om se út elkoar te hâlden wie it altiden: dikke Jan en tinne Jan, ek wol swarte Jan. Want de lêste wie masinist op de boat.

Kaam de boat fan Grins dan waard er by Winterswyk efkes mei de steamfluite lûd jûn en dan wist men op de Daam dat se er oan kamen. Yn dy tiid wie dat in hiele drokte op de Daam.

As de boat nei Ljouwert farde, namen se ek noch in souderskûte mei op sleep. Dizze wie laden mei tsiis, bûter en kondins fan it fabryk. (Letter oernaam troch Auke Boskma).

Yn de 30-er jierren kaam ek de frachtauto by Van der Wielen mei dikke Jan as sjauffeur.

Sa stadich oan gong er doe ek fee mei de auto nei de merke, mar ek rieden se mei bargefleis nei België en namen se klompen mei op de weromreis foar de klompen hanneler Wüst yn Dokkum. (Wüst wie yn de 1e wrâldoarloch 1914-'18 flechte út België nei Nederlân).

Ek Auke Venema hat wol ris in fracht klompen thús krigen. Kaam de boat fan Grins dan lei er faak foar de brêge oan by Ealze en Akke. Hjir waard dan ek spul ôfladen en begûn it rûnbringen al.

Fan 'e grutte bult

It heucht my noch, dat op in simmerjûn in iiskokarre op de boat riden waard, in hânkarre mei twa fan dy moaie glimmende deksels der op, wêrút de man it iis skepte. Dizze kaam fan Ljouwert en súdele yn de omlizzende doarpen syn iisko's út. De lytsten kosten 2 sinten en foar 5 sinten hienen wy in hiele dikke. Dat lêste barde allinnich mei in feestje of mei in jierdei. Sjoerd, de âldste soan fan Jochem, en ik wienen in kear oan board en de iiskokarre stie op de boat. Wy sille wol om de karre hinne strúnd ha en tinne Jan seach dat op in stuit. Hy frege oft wy sin oan in iisko hienen. Dat wie net tsjin dôvemansearen sein en "Jan-om" helle foar ús in grutte kofjekop út it foarûnder en dizze waard fol skept mei iis. It hat ús fêst wol goed smakke en gjin pine yn it liif jûn. Ek binne er wolris woartels weirekke, want de ferlieding wie wol grut. As de boat fan Grins kaam, leinen op de boat of op de souderskûte ek wolris sekken mei sûker. Dit kaam fan it sûkerfabryk en moast ôfleverde wurde hjir by it fabryk en waard brûkt by de kondins berêding. Wy as jonges mochten yn dy tiid alles, ek wol sûker. It wie mar in lyts keunstke om in gatsje yn sa'n grutte sûker sek te meitsjen. Mar de mannen moasten dit net sjen, dan wie it net sa bêst en waarden wy fan board jage. Letter ha ik ek wol ferhalen heard dat de grutte minsken ek net folle wizer wienen en der oan board altyd wol sûker yn de kofje wie.

Yn de simmer farde de boat wol mei reiskes, sa as mei famkes- en jongesferienings en sjongkoaren en muzykkorpsen nei konkoersen yn de provinsje.

In houten bakkersfrou-skonk

Bakker Willem de Vries wenne yn in âlde bakkerij. Hjir waard noch stookt mei lange turf en takkebosken. Soan Hendrik, letter troud mei Siets Welling út Sumar, holp mei.

Dizze minsken stienen moarns om 4-5 oere al yn de bakkerij om it bôleguod op tiid klear te krijen. Om in oere of 9 begûn men te sûteljjen mei de bôlekarre en de transportfyts. Mei in grutte koer foarop, meastentiids ta de nacht út. Hiele omkriten, oan 't yn Tytsjerk wennen de klanten, soms mar foar in pear bôlen. Letter is er in auto oanskafte om mei te sûteljjen, dit wie ien fan de earsten wer 't yn Burgum en omkriten mei sutele waard. Âlde frou De Vries hie in houten keunstskonk. Wannear 't sy efter út hûs de lange gong del kaam nei de winkel, dan koe men har wol oankommen hearre. As jonkje hie dat wat mysterieus. Letter, yn it begjin fan de 60-er jierren, fûnen jonges dy boarten yn it boskje fan Marten de Vries oan de Wester Hei, de houten skonk yn de opbaggere modder.

De lytse winkelman

Dan komme wy by Siebren van der Werf en syn frou Hinke yn in lyts winkeltsje. Op de toanbank in âlde baskule, want alles waard útwoegen. Kaam men mei in kantsje om sjerp of mei in kop om griene sjippe, dan waard de baskule earst lyk makke mei grintstiennen. Dan mei in grutte houten sleef skepte sy de sjerp of sjippe út it houten fet en waard it oerbrocht yn it kantsje of kop. Ek sûker, sâlt, kofjebeannen en noch folle mear dingen waarden los ferkocht, ôfwoegen en meastal yn in brúne papieren pûde ynpakt. De kofjebeannen koe men ek noch meale litte yn in grutte koperen kofjemûne dy 't oan it ein op de toanbank stie. Soan Hendrik "ús Heinrich", wurke yn Dútslân. Hy kaam yn it lêst fan de 30-er jierren thús doe 't it regear fan Hitler de kop opstiek.

In boerespultsje

Yn in moai boerespultsje wennen Marten en Martsje de Vries. Oan de foarein twa grutte keamers mei der tuskenyn in lange gong mei in moaie doar mei glês en sierwurk der foar. Bûten by de doar in portyk opset mei kleurde tegels. De teepôt stie altyd op de tafel. Ek siet er wol wat oars yn as tee, want sy mochten allegearre, heit, mem en soan, graach in slokje.

By de winter stienen in 10-tal melke kij op stâl, dik yn it strie en de kij glommen allegearre. Dan noch wat jongfee en in pear Fryske hynders. Yn 'e simmer gongen Marten en soan Harm mei in platte kroade, wêrop in 3-tal molkbussen, te melken nei in stik lân dat lei tusken de Gravinneloane en de Ûleflecht by Sumar. Oan de Krûme le lei ek in stik lân. Hjir farden sy mei in roeiboatsje hinne om de kij te melken. Foar hûs, no de jachthaven, lei ek lân, wêrop in weinhok en romte foar de keallen. Yn de simmer stie dit lân fol mei stikels en wie it pears kleure. Winters stie it diels ûnder wetter en wannear 't it dan in pear dagen ferzen hie rieden wy al rillegau op redens.

De Van der Wielen's

By Roel van der Wielen, troud mei Neeltsje, wienen 6 bern (1 jonge en 5 famkes): Sjoerd, Tetje, Janke, Willy, Wiepkje en Geerte. Roel hie wat buorkerij, in pear melke kij en in protsje bargaen. Dit allegearre yn in grut hok by de opslach wer 't de boat lei. De molke brocht er sels mei de kroade nei it molkfabryk. Op de Daam, efter it grutte hok stie it heafek, in oploege bult hea ûnder in kappe. Yn de oarloch in moai plak foar in "stille" baarch. Faaks lei der ek in bult mei buskes fol mei "jeits", yndikke molke fan

it kondins fabryk út Ljouwert. Dit spul wie ôfkard foar minsklik gebrûk. De buskes moasten lege wurde yn âlde molkbussen en dan waard de "jeits" opfuorre oan de bargaen. Wy as jonges mochten noch wolris mei sa'n buske omskoppe en dan fansels krekt sa lang oant de "jeits" oeral by op siet. Mar wannear 't "Roel-om" ús hjirmei omskoppen seach, dan moasten wy wol hurd rinne om út syn hannen te bliuwen. It wier ek in man dy 't in protte ôfstreupt hat, jûns let siet hy wol efter hûs te poeren. Ek hie hy wolris in ielfûke útstean.

It molkfabryk en reade boeren



De direksje wenning en it âlde molkfabryk

Foar oan de wei de molke-ûntfangst, mei in yn- en in útryd, ôfskieden fan de wei, mei oan beide kanten in pear almachtige opmitsle hekkepeallen mei in rûn tarinnende kop fan beton. De molke waard oanfierd mei hynder en wein. Yn dy tiid wie it Burgumer fabryk te "read" foar in groep boeren út de omkriten. De skoarstien rikke op snein en dus waard er wurke. Ut Suwâld ried Harm mei in auto hjir foar it fabryk lâns nei Garyp. Ek de auto fan "Freia" út Feanwâlden helle molke út Burgum wei, flak by it fabryk.

Bouwe Algra levere de molke. Hoe 't dizze man oan de namme fan "Bouwe jarrebak" kaam wit ik net. Mar it hat fêst te meitsjen hân mei de buorkerij. Freia wie in saneamde "frije" fabryk. It wie mei de molkriders ek wolris hurddraven, want wa 't earst foar de molke-ûntfangst stie, dy waard earst lege. De bussen stoarte men mei de hân, dit barde troch twa mannen en de tredde man noteare it gewicht. De bussen gongen wer nei de boeren mei waai, sûpe of dreage molke. Yn it fabryk makke men tsiis, bûter, jeits mei sûker en fierder ek noch molke en sûpenbrij. Hjir súdele Marten-"sûpe" Bosma mei. Hy skode mei in grutte molkekarre yn Burgum by de klanten lâns. Tsiis en bûter gong mei de boat, mar ek wol mei de tram, nei de "Frico" yn Ljouwert. It waard dan laden yn de tram, die 't gewoan de tiid hie om foar it fabryk te stopjen.

As jonges gongen wy soms oan 'e ein fan de middei wolris om tsiiskoarsten nei de tsiismakkerij. Die smakken altyd lekker. It wie tsiis dat ôfsnien waard fan de tsiis wannear 't it út it tsiisfet kaam. It wie in opsteand rântsjie dat ûntstien wie troch it persen tusken fet en lid. Op 'e molke-ûntfangst stie in molkbus mei sûpe, hjir hong in mingel yn en ek der ha wy as jonges ús part sûpe wol hân. Mar de direkteur, Arend Hartmans, moast ús net sjen. Dy man, in grut postuer mei in fikse snor, dêr hienen wy respekt foar. Seagen wy him oankommen, wannear 't wy mienden dat wy wat dienen dat net troch de bûgel koe, lyk as wy tsiiskoarsten helle hienen, dan wie it rinne sa hurd as wy koe. Soms efter it fabryk lâns, troch de tún fan Sibbele-Bet en Roel-Neeltsje en sa kamen wy wer foar op de wei.

Kafee “De Drie Gekroonde Baarzen”



Spitigernôch ôfbrutsen: kafee “De Bearzen”

Hjir wenne de famylje Van der Galiën mei soan Roel en dochter Wimke (de Vries). It hat altyd in herberch west mei in grutte boppeseal, wer 't yn it winterskoft troch ferskate ferienigingen har jierlikse útfiering jûn waard.

Yn de simmer en ek wol yn de hjerst kamen der faaks hiele kloften Grinzers del om hjir te fiskjen. De fisk waard dan oan 'e ein fan de dei woegen of teld, om te sjen wa 't de priis wûn hie. Faaks kaam alle fisk, yn de regel lyts guod, en ek al dea, wer yn de feart te lâne.

Mei ús heit gong ik wol mei nei it ynbringboelguod. Ik tink dat it ien kear yn it jier hâlden waard. It spul wie troch de minsken út it doarp byelkoar brocht en by opbod ferkocht. Miskien ek wol om in pear sinten foar de winter om hannen te hawwen, brochten sommigen it der hinne.

Alles wie nûmere en stie yn de “Trochreed”, sadat men it earst besjen koe. As omropper wie Bindert Dijkstra fan de Noardersingel yn funksje, yn it bywêzen fan notaris Elzinga mei in skriuwer. De minsken dy 't it spul ynbrocht hienen, krigen it jild

wat opbrocht wie fan de notaris, wer 't de notaris dan earst it bedrach "de opsinten" fan opstreek.

Yn de winter, as it kâld wie, stiennen de hynders fan de molkriders ek wol yn de "Trochreed". Dizze bisten wienen beswit fan in ein lûken en tsjin it beklomjen brocht men de hynders ûnder dak. Troch de froast wie de molke yn de bussen beferzen en moast dan earst ûntteie troch hyt wetter oer de bussen te jitten.

De molkriders mochten fan de direkteur dêr kofje drinke, mar de mannen mochten ek wol in slokje. It barde wolris dat er noch in pear mear opnaam waarden.

Tramreizigers: Flagge oan de doar

Ek stoppe de tram hjir op fersyk. Moasten jo mei de tram, dan kaam in read flachje bûten te hingjen en dat betsjutte dat de tram stopje moast en dat der minsken mei moasten. Letter is der ek noch in reade lampe by kaam, sadat de masinist fan de tram ek by donker al op ôfstân sjen koe dat hy stopje moast. Ek de autobussen foar it reizgjend publyk stoppen, op fersyk foar de minsken, gewoan foar hûs.

Hienen jo in fyts by jo, dan wie dit gjin beswier. De sjofeur klautere boppe op de bus en de fyts kaam skean yn in rek op it dak fan de bus te lizzen.

Timmerbedriuw Zijlstra, redens en fuotbal

Efter de "3 Bearzen" stie de timmerwinkel fan Eibert en Tynke (Zijlstra). Hjir wienen trije jonges: Eelke, Johannes en Sip. Bûten it gewoane timmerwurk, makken sy ek de "latten boatsjes" de saneamde B.M- ers. Úntwerp Hendrik Bulthuis. Sels farde Eelke mei de "Sip".

By it winterdei, wannear 't der iis lei, wie it yn de timmerwinkel in hiele oare drokte. Dan moasten de redens slipe wurde, yn dy tiid allegearre noch "houtsjes". In grutte slypstien stie flak by in mânske kachel, dy 't foar de waarmte soarge.

Yn de lette hjerst brochten Eibert en Tynke altyd skiifkes appels op de ovens om te droegjen. De skiifkes appels leine dan op kranten boppe op de ovens en waarden sa no en dan keard. Ik ha der ek wolris wat fan opiten, want by it hjerst en winter moast ik faak mei heit de klompen dy er dy dei makke hie, op de ovens bringe om te droegjen. De ferlieding wie dan te grut om net in pear skiifkes te pakken.

Eibert wie ek in man, dy wol yn de pleatslike ferieningen siet, û.o. foarsitter fan de iisklup. Eelke wie ien fan de oprjochters fan de fuotbalklup "Bergum".

Hy en Sip koenen ek goed op redens hurdride, beide ha se wol prizen wûn. Eelke ried wol mei Akke Haisma as pearke op de koarte baan. Johannes is letter mei Akke trouw. Sip wie ek in tûke aaisiker. Hy gong yn de maaitiid wol mei Jitse de Jong (leadjitter) te Ijpaaisykjen.

Noch yn in tontsje.....

Njonken de "3 Bearskes", in bytsje efterôf, stie in lyts wenninkje. Hjir wennen Rindert en Antsje. Rindert hie in gemeentebetrekking. Hy wie "hûsketonne" opheller en die

dit mei Jan Meulenbelt, yn de folksmûle ek wol "Jan Kypeltontsje". Sy hienen in grutte platte karre mei in hûn der foar en sa hellen se de hûsketonnen by de minsken wei. Dizze tonnen wienen ek wolris ekstra fol en mei it foarfier kaam der ek wolris wat "drek" op strjitte te lâne. Wie doe noch gjin miljeuprobleem.

De tonnen mei ynhâld gongen dan nei it ein fan it merkelân en waarden yn in pream lege, die 't yn de Skipfeart lei. No ûngefear wer 't it "Tsjinstesintrum" is.

De tonnen waren yn de Skipfeart skjin makke, earst wienen it houten tonnen, letter fan izer. As der famkes yn de buert wienen, krigen se wolris in pipermuntsje fan de mannen. Dat kaam dan út in brún papieren puntpûdsje. It waard sa mei de "skjinne" hannen, want se wienen ommers oan it skjinmeitsjen mei de tonnen, oan de bern jûn.

Bouwe Jarrebak

Efkes fjirder stie de buorkerij fan Bouwe Algra, mei in grutte kastanjebeam (no noch?). Yn dy tiid molk Bouwe in stikmannich kij en levere syn molke oan "Freia" yn Feanwâlden, in sa neamde frije fabryk en in frije boer.

Hy hie as bynamme "Bouwe Jarrebak" (hoe komme jo oan sa'n bynamme?). Wol brocht hy de stront en jarre nei it lân yn in tichte jarrebak, ôfdutsen mei twa deksels fan hout.

Hânmakke meubels

Ek yn die jierren festigen Jaap Wolters en syn frou harren yn Burgum op de "Daam", yn de meubelsaak. Hjir waarden de meubels ek noch mei de hân makke. Hja wienen ôfkomstich út Grinslân. Wolters ha wy einlik altiden kinnen mei in sigaarke yn de mûle.

De garaazje fan Pyt Bosgra en Anne Pietersma is yn begjin '30 boud. De mannen wienen noch net troud en letter is de dûbele wenning der by boud. Anne is nei ferrin fan tiid út de saak gong, hja wennen oan de noardkant fan de wenning.

Om 1950 hinne is Pyt mei de húshâlding nei Australië emigreard. De saak is doe oernaam troch de suvelfabryk. Anne wie trout mei Janke, dochter fan karmaster de Jong.

Boer mei in sjeas en naaiskoalle

Sjoerd Terpstra wenne doe, op de buorkerij dy 't dan komt. By de opryd nei de skuorre stiennen linebeammen. Yn syn goede jierren hie hy wol aardich boer west, mei in arbeider op 'e pleats en molken se in stikmannich kij. It wie in hynsteman, yn dy goeie âlde tiid gong hy freeds mei hynder en sjeas nei Ljouwert.

Op de noardkant hie hy froeger in slachterij hân, mar letter hie harren dochter Tine hjir har naaiskoalle. Sy learde de famkes út Burgum en omkriten it naai- en knipwurk.

Der wienen trije fammen in 'e hûs: Tine, Sjoeke en Joke.

Joke koe muoilik rinne en ried yn in ynvalidekarke. Sjoerd mocht graach in slokje en hy koe it paad nei de "Drie Gekroonde Baarzen" dan ek wol fine.

Yn it lêst hie Sjoerd noch ien ko. Doe wie it bûsjild op....

It blauwe toaniel

Oer de 3 fabrykswenningen:

Yn it frijsteande wenne Brand van der Dam, kondenseur oan it fabryk. In grutte man en in echte "reade" sosjalist. Hy en syn frou wienen echte foarfechters tsjin de drank as drankbestriders.

Syn frou, dy't in stik lytser wie, mocht graach toaniel spylje en sy waard troch ús ek wolris "Kniertje" neamd. Dit omdat sy dy rol al ris spile hie yn in stik opfierd troch it "blauwe toaniel". Sy hiene twa jonges: Henk en Broer.

Ek in kostgonger: Jelle Boonstra, boekhâlder oan it fabryk.

Yn de dûbele wenning wennen Gerben Tolman en syn frou, hy wie 1e masinist. By harren yn wenne in ûngelukkige broer fan de frou: Klaas de Jong. Dy lei in protte op bêd, mar syn hobby wie: "Klokken en Horloges" reparearje.

Dêrnjonken Rienk en Trijntje van der Wal mei dochter Gelske. Rienk wie kûper en timmerman oan it fabryk.

Efter de wenning fan Rienk en Trijntje binne letter yn de 30-er jierren 2 wenten ûnder ien kap boud, troch it fabryk. Dit wienen einlik wenten fan it pensjoenfûns wat ûnderbrocht wie yn de koöperaasje. Yn de jierren '50 is dit pensjoenfûns by ien fan de lânlike fûnsen kaam.

Yn dizze wenningen kamen te wenjen:

Jan Hooghiemstra mei de húshâlding en bern: Teije (hurde Teije), Bet en Griet.

Oan de fierste kant:

Tamme Oosterhof mei Zus Overwijk.



In fuotbalfoto mei links boppe Dirk Scherjon

Fuotbal fergoede

Yn ús jongesjierren lei er noch in stikje lân, wer 't no de Raadhuiswei oanslút op de Legewei. Op dit kampke ha wy it fuotbaljen ek in bytsje leard. Troch sparjen hienen wy in âlde bal op de kop tikke en spilen dan nei skoaltiid in partijke. Op in moaie simmerjûn stoppe er in moaie sportauto en der stapte in man út en kaam nei ús ta. Nei dat er in skoftke sjoen hie, trape hy ek sûntsjes in baltsje mei. Mar op in seker momint trape hy miskien wat te hurd tsjin de âlde bal en rekke de bal stikken. De man wie goed rojaal, want wy krigen sinten fan him en ha de bal meitsje litten by Hendrik Boelens. Dizze persoan wie in fuotballer út Ljouwert, sa goed as ik noch wit in sekere Dalhuizen.

In lytse slachter

Dan geane wy nei de oare kant fan de wei en sjogge de slachterswinkel fan Jan Dijkstra (no de trochgeande wei). Syn frou Hinke wie tige skjin yn 'e hûs, en dat die ek wol bliken yn de winkel: alles glom. Jan kocht sels de kij yn en slachte dy efter hûs yn it slachthok. Sels moast hy it measte útsutelje.

Moarns gong er earst by de fêste klanten lâns om bestellings op te nimmen en dat waard dan letter op de dei troch himsels of troch de feint besoarge. Alles op de fyts mei in grutte koer foarop. Nei it slachtsjen kaam it fleis in de kuolkast. Dizze waard de earste jierren yn de simmer kâld hâlden mei grutte stikken iis dy 't út in iisfabryk besoarge waarden. Jan wie ek in betûft aaisiker. Mei Jitse de Jong, koperslagger fan de Legewei, en Sip Zijlstra fan de Daam gongen sy dan faak mei harren trijen it fjild yn. Sy hienen dan in lyts skouke mei. Dat koene sy dan maklik oer de polderdyk lûke, fanút de grutte feart nei in feart yn de polder.

Taeke aai en mear



Taeke van der Meer (rjochts) op de foto op 'e Grinzer merke.

Yn it hûs mei in grut pakhús der efter wie altyd drokte. Hjir wennen Taeke van der Meer en syn frou Janke mei in grutte húshâlding: 8 famkes en 4 jonges. Taeke hie in aaihânnel en hjirby ek noch hannel yn griente. De jonges holpen mei yn de saak en ek moasten de famkes wol meihelpe yn it pakhús. De aaien kamen hjir út de omkriten, mar ek út Drinte waarden de aaien ophelle, sels noch út Dedemsvaart. Op inkelde plakken wienen dan minsken dy 't de aaien by de boeren wei hellen en ynpakten yn grutte fjouwerkante kisten. Hjir waarden yn it begjin de aaien ophelle mei de hunekarre, letter mei in hynder en wein en dernei binne sy oergong op in frachtauto. Doe 't de frachtauto er wie gongen sy ek nei de aaifeilingen yn Hoogeveen en Barneveld, wêr 't dan grutte oankeapen dien waarden. Thús moast dan de saak sortearre wurde. Yn 't begjin waard alles mei de hân sortearre en yn lange houten kisten mei houtwol pakt. Yn eltse kiste gongen 600 aaien. Dit wie dan foar de eksport nei Ingelân. Jûns nei it wurk moasten de aaien noch nei Harns brocht wurde en dan mei de boat nei Ingelân.

Ek de bakkers yn Ljouwert en Grins krigen aaien en yn Grins wie it in advokaat fabryk. Alles gong earst mei de boat fanôf de Daam, letter mei eigen auto. By de "streek" mei de grientekarre rekkene Taeke it measte út de holle mar ek wol op in bokkingplankje. Hy koe ek noch rekkenje mei streekjes en rûntsjes. Hy hie in wein mei in kêde Frits neamd en dy is 32 jier wurden. Op de wein ferkocht er ek wol bokkings en soere hjerrings út fan dy grutte ljochtglêzen flessen mei sa'n plat glêzen deksel er op. Soms kocht hy in protte koal, dan lei er in grutte bult koal foar hûs, dat moast ferkocht wurde en dan wienen de jonges mei de hannel by de streek yn de omlizzende doarpen. In slach om de mar, mar ek wol nei Garyp en Warten. It gong mei Taeke en de kêde altyd op in fjouwerjen. Wy as jonges besochten dan om efter oan de wein te hingjen mei de fuotten op de efteras. Mar wy moasten wol hurd rinne

om dit op te rêden. Gong er dan de kant fan Sumar út, dan, by de stjonkfabryk gongen de rails fan de tram skean oer de wei en it wie faak dat de wein in eintsje slipte, troch dat it izer fan de tsjillen op it izer fan de rails kaam. Neist boppesteande hannel ferkocht Taeke ek wol drank en wyn. Ek hannele hy yn ierpels foar de winteropslach. Dizze ierpels kamen dan by de minsken yn de kelder. Janke moast dan fan elke partij in panne fol siede om te sjen hoe 't de kwaliteit wie. Wie it goed dan gong de winteropslach nei de fêste klanten.

Ferve en sulver

De famylje Glas hie in ferversaak mei al rillegau Pieter-Katriene van der Kooi as ferfolch. Dizze minsken hienen in dochter Anna. Anna is letter troud mei goudsmid Van der Goot en hja wennen op de Legewei. Katriene breide yn die tiid û.o. beurskes mei kleurde kraaltsjes, die dan oan in sulveren bûgel set waarden.

Mei Drees it wetter op

Pake en beppe Dijkstra wienen doe al op jierren, want Dijkstra hie al pensjoen. Hy hie plysje west. Yn 'e simmer wie hy in protte op it wetter, want hy wie dan skipper by Rienks. It motorjacht lei op de Daam by Eibert Zijlstra. Ek mocht hy graach sile mei de 16m² (BM) fan syn skoansoan Jan van der Steeg. Op hege leeftyd ried Beppe Dijkstra noch op redens mei it gouden earizer op.

Túnman by “notabelen”

Halbesma die de tún wol by dokter Brouwers en notaris Elzinga. Harren soan Homme wie by de slachter. Letter hat hie ek noch thús fleis ferkocht, dat hie hy dan yn in keammerke op de noardkant fan it hûs dat as winkeltsje ynrochte wie. It hat net lang sa west, doe is er nei Ljouwert gien.

Sinasapels út Israël yn '45

Froukje Bakker wenne njonken it reedsje dat nei de houtmûne rûn. Hja hie kostgongers, û.o. master Reinders. Ek de assistinten fan it suvelfabryk “Bornstein” ha by har yn de kost west. Hy hie de suvelskoalle yn Bolsward hân en is yn begjin 1930 nei Israël gong. Nei de oarloch fan 1940-'45, stjoerde hy in grutte kiste mei sinasappels nei it fabryk. Dat wie in hiele pree, want soks wie hjir hast noch net te krijen.

Seagerij en hout kolk

It reedsje del en men kaam by de houtseagerij fan de famylje Kramer Dy wennen op de hoeke Legewei-Skoalstrjitte. Efter dizze wenning stie oan de Legewei in grut houtstek. By de wei lâns wie in soart ynstallaasje wêr 't men út in beamstam in houten pomp makke. Dit barde mei in boar oan in lange izeren stâle. Dizze pompen waarden brûkt by de hûzen op it plattelân. Oeral wie noch gjin wetterlieding. By de houtseagerij stie in lyts wyt dûbel hûske wer twa arbeiders mei de hûshâlding yn wennen. Boele de Haan en Kobes Smit. By Boele de Haan wienen trije bern: Hendrik, Lena en Auke. By Kobus Smit in dochter Abbeline. Sy hat ferkearing hân mei Douwe van der Wielen.

Yn de kolk leinen de beammen foar de bewurking foar planken. De beam waard by de helling foar de seagerij oplutsen en kaam dan op stellingen te lizzen en troch in ramt fan seagen yn planken seage, yn beweging brocht troch in motor. De planken waarden mei in hynder en in lange wein nei de timmerman yn de omlizzende doarpen brocht. De foarman wie Geart van Assen út Noardermar. As jonges mochten wy nea op de beammen komme, dy 't yn de Kolk leinen. Dit wie ek wol gefaarlik, mar dôchs ha wy wolris wiete fuotten hân. It gefaar wie: glêde stammen wêr 't men tusken reitsje koe. Ek stie er noch in lang hok wêr 't de planken opslein waarden om te droegjen. Letter is oan de Kolk in nije dûbele wenning boud. Yn it âlde húske hat ús heit yn de 30-er jierren les jûn oan wurkleazen om it klompmeitsjen te learen. Inkele nammen fan minsken dy 't hjir kamen wienen: Pier Soet, Oeds Postma en Ritske Riemersma.

Doe al in “keurslager”

Jan Swart wie de slachter dy 't mei syn húshâlding yn in moaie skjinne slachterij wenne. Hjir wienen twa bern: Anton en Annie. It wie in slachter mei in bêste kwaliteit fleis en syn pikelfleis en leverwoarst mei lytse stikjes spek wienen bysûnder lekker. Hja wienen eins ymport, mar fielden har op de Daam wol thús. Jan Swart levere ek op bestel by de “Drie Gekroonde Baarzen”. Hy besoarge dit dan wol gauris efkes foar tolven, dat kaam sa út en dan smakke it iten him thús faaks wol lekker..... Anny die letter in protte oan atletyk en sy hat in kear jeugdkampioene diskuswerpen fan Nederlân west.

De buurtsuper: Koelie

Roel Rekker kaam dan mei syn winkel: “De Concurrent”. Hy hie ek in bynamme “Koelie Rekker”. Sa waard hy ek wol troch syn eigen frou neamd. Hoe komt sa'n man no oan sa'n namme?

“De Concurrent” wie ek in krúdenierswinkel en deis wie Rekker mei de auto te sútellen om “de Mar”, wêr't hy in fêste klantenkring hie. Hy wie altyd drok en hastich en koe omraak prate yn syn Kollumer taal. Syn frou stie deis yn de winkel en in soad guod moast troch har sels ôfwoegen wurde.

Toaniel yn 'e ieren

Tjirk Wittermans en Jikke Haisma wennen ek by de Kolk. Tjirk wie fertsjinwurdiger yn tekstyl. Jikke spile toaniel by D.W.R. en ek wol yn it iepenloftspul yn Burgum. Hjir wienen trije bern. Jopie, in bekende toanielspiler yn lettere jierren. Dan kamen noch twa famkes: Saakje en Meino.

Turfskippersfamylje

Efter dizze wenning is in dûbele wente boud foar âlde Boele de Haan, âldwurknimmer by de houtmûne fan Kramer-Dalstra. Letter binne de soan Hendrik en syn frou Wiepkje by him ynkaam. Hjir wienen in soan Boele en in famke Henny. Âlde Boele kaam út it âlde húske dat efter de houtmûne stie. By âlde Boele wienen ek noch in soan Auke, bynamme Auke “seemantsje” en in dochter Lena. De wenning is ek mei boud troch Japik van der Wal, turfskipper fan de Daam. Letter binne Pieter en Tjits hjir yn kaam. Njonken it hús hat Pieter in hok boud foar de turf en swarte branje.

Hûs mei styl



It grutte hûs foar de direksjewente tsjinoer it fabryk. Nei de Kolkbrêge kafee "De Bearzen". Rjochts de tram rails.

Foar by de wei stie in grut dûbel hûs mei in hege stoepe. De tram ried der deun foar hûs lâns. Dit hûs wie ek fan de fabryk. Tusken it hûs en de kolk stie in stiennen hok, wêr 't ek de sûpekarre fan "Marten Sûpe" yn stie. Oan de noardkant wennen Jelmer Stellingwerf mei syn frou Anna. Hjir wienen trije bern: Afke, Albert en Jelle. Afke koe as famke goed gymnastykje en ek knap hurd rinne. Mei it rinnen hat sy noch wolris in priis wûn. Jelmer wie op it fabryk wurksum as kondenseur en tsiismakker.

De wenkeamers fan dit hûs wienen boppe in kelder boud, dat wannear as men efter út de keuken kaam, moast men om yn de gong te kommen by it trapke op rinne en sa de keamer yn.

Read en drankfrij

Dan komme wy op it "Damster paadsje" mei 2 dûbele fabrykswenten. Der foar wie in klinkertpaad. Yn de earste wenning wenje Jouke en Minke Bouma mei 4 bern. Thys, Sake, Jan en Marijke (Zus). De hiele húshâlding wie "read", echte sosjalisten en drankbestriders. De bern wienen by de J.V.O.

Thys en Sake binne letter by it ûnderwiis gong. Jan hat earst bûtermakker west yn Burgum. Hy hat ek noch yn Wergea wurke.

Nei Wergea kaam er by it F.N.V. (Federatie Ned. Vakver.), ôfdieling suvel. Marijke is troud mei Jelle Boonstra, boekhâlder oan it fabryk. Jouke wie sjef tsiismakker. Hy en syn frou wienen net sa grut.

Jelle en Lyfke Swart hienen gjin bern. Jelle wurke ek wol yn de tsiismakkerij as earste tsiismakker en op de kondinsôfdieling as twadde kondenseur.

Hy hie ferskate bestjoersfunksjes, û.o. foarsitter ôfdieling pensjoenfûns, fakbeweging, drankbestriding en spile ek mei yn de toanielferiening "it Blauwe Toaniel", in diel fan de ôfdieling Burgum.

Fiskers Latyn

Chef bûtermakker Hendrik Groen kaam út de omkriten fan Wolvegea. Groen wie in grut leafhawwer fan karper fiskjen. It is in kear bard dat de karper yn syn deastried oan de oare kant fan de hage telâne kaam. "Hij sprong zo maar over de heg", fertelde Groen.

Sport en "spic en span"

Yn de lêste wenning wenne "grutte Heidstra". Gerard Heidstra wie syn echte namme en sa as boppesteande al seit in grutte man. Syn funksje wie kwaliteitskontroleur oer de oanfierde molke en hy hie ek tasicht by it ôfleverjen fan de tsiis. Ek wie hy eltse snein op it fuotbalfjild as "Sportvriend". Under dy namme kamen de ferslachjes yn de "Burgumer Krante". Twa bern hienen sy, Jan en Geeske. Frou Heidstra helle deis ferskate amers mei waarm wetter út it fabryk foar de wask, mar sy sjoude in hiele moarn troch. Sy hie doe gjin waskmaschine, alles mei de hân yn in tobbe waskje, dan yn skjin wetter útspiele en dan mei de hân útwringe en oan de line om te droegjen.

Swarte branje en skjin wetter

By it kanaal del, ta beslút, kamen wy by Ealze en Akke Brouwer. Hjir wienen 3 bern: Aaltje, Anje en Jan. Ealze die ek yn de swarte branje en fierder hienen sy in winkeltsje, wer 't ek nochal wat oanrin wie fan skippers. Ek ferkochten sy drinkwetter oan de skippers. Oan de bûtenmuorre siet in kraan fan de wetterlieding en mei in lange slange koe men it wetter rinne litte yn de houten fust dat efter op it skip under it helmhout lei. Meastal wiene it skûtsjes. Ealze wie ek al wer ien fan de fûle sportfiskers op de Daam.

Mijn bijdrage: Rinze van der Wal

**Myn oantinkens
oan de Legewei yn de 50-er jierren**



Neist it postkantoar rjochts, noch krekt de wenning fan de famylje Van der Wal

Sels bin ik hikke en tein op de **Legewei nûmer 21** tsjinoer it grutte (doe noch) doktershûs. Wennet der nou net in notaris? (red.: ja).

Ik ha der in prachtige jeugd hân. We hienen alle frijheid dy't je je mar winskje koenen. Winters glydbanen meitsje op 'e wei, fan de iene kant nei de oare. Jûns noch efkes wat wetter der oerhinne, dan wie der de oare deis sjippeglêd. Gjinen dy't him der oer bekroade.

Ek wienen we in protte oan 't fuotbaljen op 'e wei. Gjinen hie der lêst fan, want auto's rieden der mar kwalik. Allinnich mocht it net fan de plysje. Yn de Merkstrjitte wenne "Lange Jehannes", syn achternamme wit ik net mear, mar dy hat hiel wat ballen fan ús ôfpakt troch middel fan syn hûn, dy't der op ôfjage wie. Efkes it riemke fan it bist wat fiere en hy stofsûgere de bal wer op. Ek op it saneamde pleintsje efter ús hûs koenen we prachtich boartsje. Der stie in grut grien gemeentehok. Der koest omhinne fleane om te tikke- of fersideboartsje. Ek koest der moai fuotbalje. Tusken de middei kamen Jan Kapper (van der Wal) en syn feint Rinse der ek noch wol ris by.

Der stie op it pleintsje ek in hege mêst. Dêr hongen, as de brânwacht de deis tefoaren te spuitsjen west wie, de slangen faak te droegjen. Soms barde it, wannear't de slangen wer opromme wienen, dat de kabels noch los hongen. Dan koest der prachtich oan sweve en ferbylden we ús dat we by Panbakker yn 'e sweef sieten. Op it Merkelân waard destiids de Burgumer merke hâlden. Wannear 't de skieppehokken

dan wer opboud waarden, koenen wy der prachtich oerhinne springe mei ús allen en elkoar efternei sitte.

Behalve datst op 't Merkelân alle romte hiest om te fuotbaljen of wat ek mar te dwaan, hiest achter it lân noch de Skipfeart rinnen. Eartiids rûn dy troch oan 'e Legewei, tsjinoer wer't doe Edema syn saak hie. In moai plak te fiskjen en winters te riden. De iisbaan wie ek flak yn de buert. Oer de Skipfeart hinne en je wienen der.

Us heit, dy't klearmakker wie, hie syn wurkpleats boppe yn in keammerke mei útsicht op de iisbaan. Hy koe ús goed kontrolearje. En dat die er dan ek. As je in tiidsje net troch him sjoen wienen, koe it hiel goed barre dat er ferskynde en dan wie it net bêst fansels. Niks rêste of poeier drinke. Riden moast der wurde. Úteinlik is dy kontrôle tige goed west. Ik ryd nou noch.

Wa wennen der allegearre mear op 'e Legewei ?

De wrâld om je hinne wie doe destiids folle oersichtliker. De measte minsken yn jo buert koenen je. Sa gong it my ek. Fansels ha 'k se net allegearre krekt mear foar de geast mar de measten noch wol.

Op de hoeke tsjinoer it "Roodhert" wenne **Spoelstra**. Hy wie winkelman. Foar dy tiid hie er al in frij grutte winkel mei in grutte stiennen flier. Ik mien dat er ek al gauachtich in auto hie mei sa 'n âlderwetske klakson. Letter is yn dit pân **Piet Zijlstra**, Pyt skuonmakker, kaam. Dy hat der doe in skuonnesaak yn hân.


Fierder de Legewei yn stienen in stikmennich frijsteande hûskes. Se steane der trouwens noch.

Yn ien wenne **Boersma**. Hy wie sjauffeur op in frachtwein fan de N.T.F. (it stjonkfabryk).

Der njonken wenne **Foppe de Boer en syn frou Lyfke**. Foppe de Boer siet op it kantoar fan de N.T.F. Se hienen twa bern. Tytsje en Marten. Mei Marten gong ik noch wol om. We boarten in protte op 'e wei. Marten hie faak pine holle, wit ik noch. Ek heucht it my noch hiel goed doe't we op in jûn wer mei in ploechje bern oan't boartsjen wienen dat Marten syn holle ôfgrysliek stompt hat oan ien fan de postsegelautomaten, dy't befêstige sieten oan it âld postkantoar, doe op 'e hoeke fan de Merkstrjitte. In hiel grut gat yn 'e holle en allegearre bloed. Marten is letter yn 'e Jouwer bedarre by D.E. Hy is spitich genôch al frij jong ferstoarn.

Njonken Foppe de Boer wennen **Age en Gryt (Dykstra)**. Se hienen ek in lyts krudenierswinkeltsje. Je moasten in hege stoepe op om der yn te kommen. Sa goed as ik wit hienen se trije bern. De jongste wie Jelle. We seagen as bern noch wol wat tsjin Jelle op want hy koe tige hurd ride en hat hiel wat pryskes op it iis wûn.

Ek wit ik noch dat se in hiel leaf hûntsje hienen. It hytte Flora. Elke kear as ik nei skoalle gyng kaam er efkes om him streakje te litten. Ut skoalle wei siet er der wer en sa alle dagen.



Op de ein fan 'e Skipfeart wie in swaaiplak wer 't it âlde gemeentlike elektrisiteitsbedriuw stie. Letter in pleintsje en de wenning fan De Boer.

Njonken Age Dykstra wie in soarte fan pleintsje, dat doe destiids dea rûn tsjin de Skipfeart. Der wennen ek noch minsken en wol de famylje **Gerrit de Boer**. Syn frou hjitte **Bearentsje**. Se hienen fiif bern. Jan, Andrys, Freddy, Hety en (ik mien) Zus. Gerrit de Boer wurke by drukkerij "De Motor".

Wer op de Legewei werom wennen njonken Age en Gryt ek in **Dykstra**. Hy wie direkteur fan de P.E.B. Se hienen yn soan en dy hjitte Rienk. Ik wit noch dat Rienk tige goed leare koe. Soms kaam der yn de fakânsjes noch wol ris in jonkje út Hongarije. Hoe't se der oan kamen wit ik net mear. Ik mien dat hy dan wer wat op krêften komme moast, krekt sa as dat no noch wol bart mei bern út de Eastbloklannen.

Njonken dit moaie grutte hûs stie it **postkantoar**. De fierste kant wie bewenne troch de direkteur en syn frou. Dat wie doe in sekere **van der Meulen**. Yn it postkantoar gongen doe in protte saken om. Tsjintwurdich ha de banken it measte oernommen, mar wy as bern hienen in "spaarbankboekje" by de R.P.S. De Rijks Post Spaarbank. Elke wike mei in pear gûne hinne. Je krigen dan, tagelyk mei it ynskriuwen fan it jild in pear stimpels yn't boekje en soms koest ek noch plaatsjes sammelje. Ik leau dat dat tsjerketuorren en mûnen wienen. As't se allegearre hiest koest se yn in album plakke. Hjitte it album net: "Van zingende torens en malende molens"?

Oan de oare kant fan it postkantoar, oan 'e kant fan de Merkstrjitte stie in wichterbeamke. Dat wienen doe in lyts soarte fan prûmkes. Binne se der noch wol? Dêr ha we hiel wat tasitten en van der Meulen wie der net altyd goed oer te spreken.

Oan 'e oare kant wennen yn de oarlochstiid **Marten Pykstra en syn frou Griet**. (**Marten Pyk**). Se wennen ûnder itselde dak as wy. Sa lang as it my heuge kin ha ús

heit en mem mei harren gjin gedoente hân. Der is yn de oarloch wat foarfallen wat letter nea wer goed kommen is.

Letter wenne yn dit diel ús hûsbaas de hear **Willem Bos**. Bos hie noch wol wat hûskes. Hy wenne mei syn húshâldster **Akke**. Hy hie meastal in pear jachthûnen, der't er in protte mei oefene op it Merkelân. Hy wie ek jager. Soms gyngen se te fiskjen yn in roeiboatsje: Hy en Rienks dy't op de Nijewei (G. W. Navislaan) wenne.

Ik wit noch doe't se troch de Skipfeart farden, dat Age Dykstra mei wie te roeien. Doe't se ter hichte fan Jitse de Jong kamen, seach dy it spul foarby kommen en hy sei: "Age jonge, kyp it hiele soartsje yn't wetter". As je dat nou doarsten te sizzen waarden je fuort oanklage wegens smaad. Doe waard soks akseptearre.

Hûsbaas Bos wie frijwat deun. Hy liet by it hierbarren by ús yn 'e hûs in kear in sint falle. De bril kaam op en hy socht krekt sa lang dat er him fûn hie.

We betellen net folle hier, mar we hienen ek hielendal gjin inkele lúkse. Sa hienen we noch in húsketonne en yn 't begjin ek noch gjin wetterlieding. In reinwetterbak efter hûs stie yn ferbining mei in pomp yn de koken. Foaral yn 'e winter joech dat faak problemen, want dan wie de pomp wer beferzen. Dan moast mei in strielkacheltsje de boel wer ûntteid wurde.

Wy wennen dus njonken Bos. Us heit en mem wienen **Hindrik en Tryntsje van der Wal**. Se hienen twa bern Rinze en Afke. Us heit wie op de Legewei klearmakker, yn geef frysk: skroar.



It hûs fan klearmakker De Wit. Konkurrint fan oerbuorman Van der Wal.

Heit ferwachte fan hast elkenien dat se klean by him meitsje litte soenen, mar dat foel wol ris wat ôf. It wienen meastal de minsken dy't it wat better dwaan koenen of de lju mei in ûngewoan model dy't klant by ús wienen. Soms wie der noch bêst wol ris wat nearingiik. In pear froulju hienen de gewoante freedse nei de stêd te gean. As se dan om in oere of seis wer thús kamen mei doazen fol klean, wie it mar goed dat se heit syn winsken oan har adres net hearre koenen.

Njonken ús wennen âlde **Van Dijk en syn frou**. Se wennen yn in diel fan in dûbel hûs. Bêste minsken. Spitich dat hy letter yn de bernskens rekke. As de molkriders sa tsjin de jûn mei de hynders en weinen fol bussen mei molke by ús lâns jagen, om earste te wêzen by de ûntfangst fan de molkfabryk, hie der de measte wille en sloech er op 'e rúten en libbe hielendal mei.

De molkriders koenen him allegearre en se swaaiden altyd nei him. Dat fûn de âld man prachtich.

Yn itselde hûs oan de oare kant fan ús wenne **buorfrou Saakje Haisma**. Foar my wie it hiel lang tante Haisma. It wie in widdofrou. Se hie twa dochters, Jikke en Akke.

Yn myn lytsbernetiid wie Akke noch yn 'e hûs. Se wie tige linich en hat as jongfaam fan sa'n tweintich jier my hiel wat fan gymnastyk bybrocht. As lyts bern wie'k in protte by har.

Letter is se mei Jehannes Zijlstra troud. Se is net âld wurden, want op de weromreis fan in fakânsje út Italië wei is se ferûngelokke.

Yn lettere tiid, doe't Van Dijk en de frou beide al wei wienen, is buorfrou Haisma yn har eigen hûs ferhuze nei de helte fan fam. Van Dijk. Yn dy tiid krige se televyzje. It wie op de buert, tink ik ien fan de earste tastellen. As der in fuotbalwedstriid wie of soms saterdeitejûns mochten we by har sjen. It hûs siet soms fol mei jongelju. Bars hienen we doe noch nea fan heard. We krigen sokke jûnen fan alles fan buorfrou, want súnich wie se perfoast net !

Yn de wente fan frou Haisma kaam doe te wenjen fam. **Jan Brouwer**. Brouwer wie sa goed as ik noch wit meteropnimmer foar de P.E.B. Se hienen trije dochters: Froukje, Jantsje en Hennie. Dizze froulju koenen omraak sjonge en ik mien dat se ek noch oan de widze stien ha fan "Scheppingsgave". Doe in ferneamd famkeskoar û.l.f. Gerben Hofma.

Fierderop de Legewei yn kamen we by **kapper Anders van der Wal en syn frou Jehanne**. Noch earder wie dy kapperssaak of skearwinkel sa't ús heit altyd sei fan Hindrik Bulthuis west. Krekt, de man fan de B.M-ers. Letter wennen se yn de Skoallestrjitte, wer't hy en syn frou doe frij wennen, neist wer't no Trio sit. Syn pakesizzer Henk Kievit (letter noch wol bekend as kameraman by de E.O.) kaam soms dêr útfanhûs en dan boarten we tegearre.

Mar werom nei de Legewei. Anders (kapper) en Jehanne hienen trije bern. Jan, Symkje en Wiep. Jan en Symkje binne beide yn it kappersfak bedarre. Symkje yn de damessalon. Jan by heit. It heucht my noch dat Anders foar de bern net altyd like noflik wie.

As je ear ris wat jokke ûnder it knippen, doarsten we it net te weagjen om efkes te klauwen, want dan koe er bromme. Ek hat er my ris in rântsjie fan 't ear knipt. We makken ús der net sa drok om.

Foaral saterdeis wie't drok yn de skearwinkel. De measten gongen ien of twa kear yn 'e wike te skearen. Skearapparaten koenen we doe noch net. Ik sjoch de âlde mantsjes op harren âlde fytskes, wer't se fia in ferlingstik oan de as fan it efterste tsjil op klauteren en dan op it seal hipten, by ús lâns kommen. Wannear't se wer glêd wienen foar de snein, joech elts him noch efkes rêstich del en waard it nijs fan Burgum besprutsen.

De fam. **Jouke Douma** wenne efkes fierderop. Syn frou hjitte **Wyts**. Yn't earstoan heucht my noch dat se in winkelstje hienen. Letter wie it allinne mar mear brânjehannel. Jan en Henk wienen ek mei yn de saak. Der wienen fierder noch twa bruorren Wietse en Age. Ik miende dat se ek noch twa dochters hienen: Tsjits en Tine.

Yn 'e hjerst hienen se it tige drok. Mei de auto gongen se dan by de minsken lâns om de koalehokken wer te foljen mei brânje foar de kommende winter. Se seagen der dan út as negers. Mûlekapkes wienen noch net útfûn. Wat moat dat in swier en ûngesûn wurk west ha. Elke sek koalen moast op 'e rêch te plak brocht wurde.

Njonken Jouke Douma wennen skilder **Klaas Kooistra en syn frou**. Se hienen ien soan: Jan. Kooistra wie in freonlike man. Ik wit noch dat der efter syn hûs oan de kant fan it Merkelân in hiele rige kninehokken op elkoar stean hie mei de prachtichste lytse knyntsjes. Hy sil, tink ik, wol by in knineklup west ha.

We geane fierder en komme dan by de **fam. Bos**. Stientsje Bos seinen we doe wol. De man sammele n.l. stiennen en hie der in ferskriklik protte ferstân fan. Hy en syn frou hienen in ferstânlík beheinde dochter, wer't se faak mei te kuijerjen gongen. Yn itselde hûs wenne noch in âlde widdofrou: **frou (Jitske) Rinzema**. Aanst mear oer har.

Oan de oare kant fan it strjitsje dat nei de Kipel liede (tsjintwurdich sizze we Stoart) wenne **Klaas van der Meulen**. Werom oft der "hongerboer" neamd waard, is my net dúdlik, mar der wienen yn dy tiid net folle minsken dy 't net in bynamme hienen. Hy is op lettere leeftyd noch troude en se ha ien dochter krige.

Dan hienen we dêr njonken koperslagger **Jitse de Jong**. Syn frou hjitte **Aaltsje**. Se hienen twa bern: dochter Willie en soan Ate. Se ferkochten doe ek wol fytsen. Ate en Willie hienen beide sa'n prachtige sportfyts. Wat wie ik út 'e skroeven doe't ik op myn jierdei ek sa'n prachtige fyts krige. Ek ferkochten se haardkachels wit ik noch.

De buorren fan Jitse de Jong wienen in pear manlju: in heit en in soan. Se hjitten fan achternamme **Tillema of Tilma**. De soan hjitte Lammert. Hy wie mear bekend as Lammert Sjipsop. Werom? Gjin flau idee. As je Lammert dachseinen, hie der meast ek noch efkes in opmerking oer it waar, sa as: Moai waar hjoed, hé?

Hylke van der Berg en syn frou Ingeltsje wennen oan de oare kant yn itselde hûs. Hy wie timmerman en hie in protte plankeboel efter hûs lizzen. Se hienen twa bern: Jaap en Anneke. Harren hûs grinzge oan in kampke lân fan dr. Brouwers. Yn dit stikje lân stienen faak in pear pony's. My tinkt dat dy fan de soan Skelte wienen.

Njonken dit lân stie wer in hûske en der wennen ek in heit en in soan. De heit wie **Tabe Braaksma**.

We kinne hast oerstekke, mar kinne net foarby oan it grutte notariskantoar fan doe destiids **notaris Elzinga**. Letter wennen notaris **Harmsma** hjir. Se hienen in ûnbidich grutte tún dy't hielendal efter oan de Skipfeart ta rûn. Dêr hienen se ek in skiphûs mei in sylboat.

Njonken it notariskantoar wie de bakkerij fan de **fam. Overwijk**. Dêr njonken wie in sânreedsje dat nei de iisbaan gong. (Tsjintwurdich de wei nei it yndustryterrein). Letter is de bakkerij oergong op de **fam. Zijlstra**. Hy adverteare as banketbakker-kok. Trije bern wienen der: Hannie, Hillebrand en Wiebe.

We stekke oer nei de oare kant fan de Legewei.



De Legewei sjoen fan de Burgumerdaam.

Tsjin de Nijewei (G. W. Navislaan) stienen (of steane faaks noch), ik mien, in stik of fjouwer hûskes. Op 't hoekje wennen de **fam. Gros**. Hy hie yn dy tiid al lang pensjoen en derom fernuvere it ús altyd dat se noch in jong famke yn 'e hûs hienen. Se hjitte **Rinskje**.

De hûskes dêrnjonken wit ik neat mear fan, mar it hûs mei de grutte bûkebeam derfoar dêr wennen de **fam. Steensma**. Hy wie learaar oan de Chr. ULO en ik ha fan him ek noch jierren wiskunde hân. Ek mocht ik him ûnder myn knineklanten rekkenje. Want wannear't ik wer wat jonge kninen hie, kocht hy wer in pear foar syn bern.

Letter wenne der noch in oare ULO learaar mei frou en bern: **Klaas Dykstra**. Hy joech hannelskennis oan ús.

Dan komme we by it doktershûs fan **dokter Brouwers**. Twa fan syn bern wienen Nel en Skelte. Ik mien dat der noch in âldere dochter wie. (Sijke?). Hoewol't dokter Brouwers net ús húsdokter wie, ha'k noch alris wat mei him belibbe.

Dat wie sa: Ik hie froeger in kano. As jonges gongen we der hast elke dei op út. Foaral yn de fakânsjes. Nei 't bûtenlân waard doe noch net oer prakkesearde. Ik wie doe op in kear op de Wide Ie. Dêr gongen we meastal hinne. Midden op 'e Wide Ie lei in grutte boat foar anker. It blykte dat ien fan de bemanningsleden oer boat rekke wie en ferdronken. Dat moast fansels fêststeld wurde en dêrfoar wie in dokter nedich. Dokter Brouwers wie op ien of oare manier tyngedien. Hy stie op de Wide Ie's-reed, mar hoe kaam er op it skip? Hy seach my yn 'e kano en rôp my oan. Oft ik him nei it skip bringe koe. Jawis, fansels koe dat wol. Ik tink dat dokter him letter wol de tonge ôfbiten ha wold hie, want ik ha noch nea in man sa eangstich sjoen yn de kano. De iene "bliksem" nei de oare kaam oer syn lippen, mar we binne hielhûds by it skip kaam. Ik wit net iens seker oft ik him ek wer werom fard ha.

We geane wer wat fierder nei it noarden ta en komme by it hûs wer't destiids de **fam. Tiemersma** wenne. Hy hjitte **Binne**, syn frou **Aafke**. En it soe Burgum net west ha, as dizze man ek net in bynamme hie. De bliken bolle, om't er by de K.I. yn Garyp wurke.

Njonken de fam. Tiemersma wie in grientewinkel en wol dy fan **Jan en Sjoerdsje Zijlstra**. Ik gyng yn de fakânsjes sawat elke moarn om trijeninheal pûn skrabbe ierappels en fernuvere my der dan oer as de lêste ierappel noch in skoft yn 'e masine draaien bleau. De winkel waard yn haadsaak dreaun troch de froulju Sjoerdsje en dochter Aafke. Jan wie in protte by de streek of folle de winkel wer oan. Sels ha ik him nea in klant helpen sjoen. Jan E. sa stie der mear bekend. Mei de E fan Eelke. Sa hjitte syn soan ek. Yn't earst, wit ik noch hienen se der ek noch blommen te keap.

Dêrnei hat de fam. **Uulke Tuinenga** noch in grientesaak der hân. Uulke hie sa'n trijetsjilder autoke (Trio wie leau'k it merk) wer't syn soan Sieds en ik wolris temûk in lyts ritsje yn makken. Noait fierder as de Kipel.

Njonken de grientesaak wenne de **fam. Hoekstra**. Hoekstra wie by de post en ik wit noch dat er gebrûk makke fan in hânkarre. Om pakketpost rûn te bringen (?).

We geane fierder en komme by de saak fan goudsmid **W. van der Goot**. Se hienen twa dochters, Rienie en Siep (?) en in soan Pyt. Pyt is destiids mei syn brommer yn Burgum ferûngelokke. Hy wie noch mar hiel jong.

It kafee fan **Jilt en Jitske Hoekstra** is dan oan bar. Se hienen nochal in grutte hûn, dy't meast los rûn. Dat wie doe meastal sa toch? Us mem hie in hekel oan alle hûnen en doarste net mear dêr lâns nei de grientewinkel fan Jan E. Doe't se har beklach ris dêroer die by frou Zijlsta, want Jitske wie de dochter fan Jan E en de frou, wie de hûn nei in pear dagen dea. Tafal of soe frou Zijlstra der de hân yn hân ha?

Letter wenne hjir de **fam. Biesma**. Foaral mei Burgumer merke wie't der altyd in gesellige boel. Der wienen dan net folle dy't der nochteren wei kamen.

In Vivo winkeltsje stie oan de oare kant fan it kafee. Hjir draune **Wiger Grypstra** en syn frou **Janke** in krudenierssaak. Se hienen twa bern: Lammert en Alie. Frou Grypstra soarge altyd goed foar my doe't de flaggeplaatsjes fan Faam pepermint yn omloop wienen. Ik hie it album letter gau fol. Unnoazele dingen bliuwe je it meast by. Sa wit ik noch by har dat se op in hiele handige manier de sûkerpûde, dy't earst ôfwoegen wie, ticht tearde.

Wer in winkeltsje der neist en wol in Végé fan de **fam. Van Dijk**. De kleur fan de winkel wie giel, wit ik noch. De winkelmannen wienen yn dy tiid in protte oan't suteljen, wylst de froulju de winkel beredderen.

Alde Fine wenne njonken de Végé. In widdofrou, dy't amper de doar út kaam.

De **fam. Henstra** hie in fiskwinkel. It wie de iennichste fisksaak yn it doarp. Hy hie dus de allinnichhearskippij. Dat waard oars doe't der konkurrinsje kaam fan de saneamde "visboksers" út IJmuiden, dy't sa no en dan delkamen. Dat fûn Henstra mar neat en dat liet er dan ek wol dúdlik blike.

In klokke- en horloazjewinkel folge dan en wol fan de **fam. L. R. Wijma**. Frou Wijma stie meast yn de winkel. Henk wie de soan. Heit en soan wienen in protte tegearre warber. Se hienen in hiele linige stap oer harren. As se in pak by ús heit kochten, dienen se dat meastal tagelyk en it wienen meast ljochte pakken dy't se kochten. Henk is op lettere leeftyd noch troud.

Tsjerk en Antsje Nagel wennen wer njonken Wijma. Se hienen der in kleanwinkeltsje. Aldert, Afke, Riemkje, Sytske en Anje wienen harren bern.

De saak waard letter in sigarewinkel mei û.o. **Eyer**. Hy seach der altyd út as in seeman mei syn dikke skipperstrui.

Noch letter waard de saak oernaam troch **Postma**. Ik mien dat hy in kunstfoet hie.

Op de saak fan Postma folge de **timmersaak fan Jan van der Berg**. Syn frou hjitte **Symkje**. In altyd tige warber minskje. Se wie troch al it wurkjen frij wat krûm groeid. Der wienen altyd twa timmerfeinten: Wibe Jelsma en Marten Kootstra. In timmerman boude net allinne hûzen en sa, mar die ek allerhanne lytse putsjes. Sa hat er foar my in bolderbak en in slide makke. Alles fan hout fansels. En goed geef. De Gamma en al dy oare saken, wer't it spul by boskjes foar it útsykjen leit, wienen der doe noch net. Ek ha se by van der Berg noch in tûnbank foar ús makke. Jan van der Berg wie ek ien fan de earsten dy't op de Legewei in prachtige lúkse auto hie.

"**De Magneet**", sa hjitte de folgjende saak. It wie in winkeltsje dêr't je fan alles krije koenen op it mêd fan borduere, hake, naaie en noch folle mear nifeldingen.

De saak waard draun troch **Ymkje Veenstra**. Yn't earst ek noch wol mei help fan âlde frou Veenstra. Sy wie troud mei **Jaap Veenstra**. Yn syn jonge jierren hie hy arsjitekt west. Ferskate hûzen binne út syn brein ûntstien, ek op de Legewei. Ik mien ek it hûs wer't wy wennen.

Njonken de Magneet wennen yn myn jongste bernejierren **Theunis en Jitske Rinzema**. Foar my wienen it pake en beppe Rinzema. Ik luts as jonkje in protte mei pake op, iet der wol en fertelde him faak ek dingen yn de oarloch dy't better geheim bliuwe koenen. Mar by pake wie alles fertroud. Ek fiske ik in protte mei him.

Dêr nei kaam de **fam. Jelle van der Meulen** der te wenjen. Se hienen in hiele grutte húshâlding.

Nei harren ha der noch in lyts skoftsje minsken wenne wer't my net folle mear fan heugt en dêrnei kaam de **fam. Annema** der te wenjen. **Piter en Eva**. Se hienen twa famkes. Piter wurke op it postkantoar, mar hy wie noch ferneamder troch syn optredens op brulloften en partijen. Lytse Piter wie rûnom ferneamd. Jûns gongen se in protte fuort mei harren selskip. Doe't Piter postkantoardirekteur waard yn Akkrum kaam de **fam. Siebe de Vries** hjir te wenjen. Se kamen fan de Mûnein. Hy wurke by de gemeente en se wienen doedestiids tige ferneamd troch harren Siamese twaling: Folkje en Tsjitske.

Tusken dit hûs en it oare wie de stege dy't nei de garaazje liede fan it doktershûs.

Dan kaam it hûs der't earst **Lieuwe Kingma** yn wenne. Ik wit net it measte fan him mar wol dat er elke simmer de swellenêsten ûnder syn dak weireage.

Letter kaam hjir de **fam. Tabak**. Hy wie militêr en se kamen destiids út Ynje. Adrie, Johnnie, Wietske en, ik mien, Wim wienen harren bern. Johnnie kaam by ús yn 'e klasse en hy wie doe de iennichste dy't mei de boat troch it Suezkanaal west hie. Wol nijsgjirrich mei de ierdrykskundefes.

Yn ditselde hûs kaam letter de **fam. Hindrik Deinum** te wenjen. Se hienen twa bern: Jan en Siepje. Deinum wie boade op it gemeentehûs. Letter krige er in hiel lyts autoke. Ik tink dat er der krekt allinne ynpaste. Mar mei syn moai unifoarm makke hy grif wol yndruk.

Neist Hindrik Deinum wennen **Oeds en Fetsje Baron**. Ús oerbuorren. Se hienen fjouwer bern: Teddy, Jeltsje (yn ús tiid neamden we har Susje), Jurjen en Wiebren. Frou Baron wie in hiel fleurich minske en koe ôfgrysluk skatterje. Har man wie de rêst sels.

Dan komme we by it grutte doktershûs. Yn de oarloch wenne dêr dokter Petersen yn. As jonkje heucht it my dat it in grutte woeste man wie op in grutte swiere motor. Derfoar wenne hjir **dokter Hornstra**. Hy hat hiel wat poppen heind, û.o. my. Boppe yn it doktershûs wenne yn dy tiid de **fam. Strikwerda**. Se hienen twa bern: Onne en Jopie. As lytse jonkjes fan in jier as twa trije wienen Onne en ik maten. Onne en ik hienen yn dy tiid beide in autopod op luchtbanken. Us heit hie se oanhannele yn de oarloch. Sa gong dat dan. Se binne letter ferhûze nei Emmen.

As dokter kaam hjir letter te wenjen **dokter Couperus**. In och sa rêstige, hast wat stadige man. Mei him mochten we as bern wol ris in eintsje mei yn de auto. Noch wit ik hoe't dy fan binnen rûkte. Húsdokters dienen doedestiids yngrepen dêr't je tsjintwurdich foar nei 't sikehûs ta moatte en ûnder ferdôving holpen wurde. Sa'n yngreep heucht my noch bêst by Couperus. Se hienen twa bern: Marianne en Olga.

Letter kamen yn dit hûs twa dokters te wenjen. Ik mien dat se streekrjocht út Ynje kamen. **Dokter Van Beusekom en dokter Ament**. Se hienen beide harren eigen praktyk.

Ik wit noch dat Ludzer Veenstra, de sjauffeur fan de brânwacht, foar ferskate dokters it ûnderhâld fan de auto's die.



It notaris hûs fan mr. Ferf, letter dokterswenning. No wer fan in notaris: Dantuma.

Oan de oare kant fan it doktershûs wenne de **fam. Klaas de Vries**. Klaas de Vries wie, krekt as ús heit klearmakker. Se hienen in winkeltsje en ik mien dat de Vries in stive foet hie. Ik leau net dat ús heit swiere konkurrinsje fan him hân hat, want ik ha him der nea oer kleien heard. De Vries wie in hertlik mantsje. Doe't er ferstoarn wie, kaam de saak te keap. Ik wit noch bêst dat ús heit wol belang by de saak hie. Mar wat in aventoer soe dat wurde. Dagen en nachten is der thús oer praat. Mar ús mem seach it hielendal net sitten. Se doarste it mei de sinteraasje net oan en alles bleau sa as it wie.

Ik tink dat it ús heit letter wol spiten hat want de saak waard doe kocht troch **Bearn de Wit** út Holwerd. Ek in klearmakker en hy waard wol in swiere konkurrint. En hy hie ek noch wol in auto, in Morris Minor krekt as dokter Couperus. Ik mien dat der twa dochters wienen: Corrie en Aly. Neidat de Wit út de saak rekke kaam der in slachterij yn fan **Germ Dykstra**.

Neist dizze saak kaam de suvelwinkel fan **fam. Louw Kuipers. Louw en Yke**. Se hienen trije bern: Jikke, Betty en Tiety. Kuipers hie earst tegearre mei syn skoanheit in saak Hansma en Kuipers stie doe noch op harren auto.



"'t Zuivelhuis", de winkel fan Louw en Yke Kuipers.



Louw Kuipers mei syn VW sûpe- en brij auto.

Efkes fierder ûnder de selde kap noch in lyts winkeltsje, in horloazjewinkeltsje fan **Gjert Algra**. Better bekend as Gjert Lot. Miskien omdat er lotten ferkocht? Ik leau net dat it winkeltsje sa drok besocht waard, mar Algra sels wie in protte mei silver, goud en antyk op in paad. Freeds wie er in protte yn Ljouwert en as er út 'e bus kaam stapte er soms ek wol ris in bytsje oer de foet. Ik wit, wannear't ik sneins by Tsjalling, syn soan, wie dat der altyd mei in tsjûk bibleteekboek siet te lêzen. Syn frou wie **Rinskje**. Twa bern: Tsjalling en Bouke.

In smidterij wie oan de oare kant fan Algra. Destiids wenne der smid **Dykstra**. Hynders waarden der ek beslein. As jonges stienen we der faak nei te sjen. Foaral it ôfbrânen fan de hoeven rûkte sa lekker. Sommige hynders woenen net altyd om't lyk en dan gong it der om wa't de baas wie. It hynder of de smid. As jonges ha we in tiidsje de gekke gewoante hân om de winkel by Dykstra yn te gean mei de fraach of se ek brette kikkerts hienen. Doe't de frou der op in kear har nocht fan hie hat se my meinommen nei de smidterij en dêr hat de smid my mei de kop boppe in grutte stiennen bak mei wetter hâlden. De fraach nei kikkerts ha we doe nea wer steld. Ik mien dat de fam Dykstra letter emigreard is.



Smid Vos, in winkeltsje yn hushâldlikguod en in smidterij.

Letter kaam de **fam. J. L. Vos** út Grinslân yn de smidterij. Smid Vos, altyd tige hastich. Drok mei somtiden dinkjes fan neat. In rinkje meitsje oan in krûk. Kwalik tiid om te harkjen. Frou Vos neamde har man nea by de foarnamme, mar altyd Vos. "Ik zal Vos wel effetjes vroagen". Se hienen, mien ik, seis bern. Jan wie de âldste. Hy is, op hiel jonge leeftiid ferûngelokke op syn wurk yn de stjonkfabryk. Dan wienen der noch Geke, Marijke, Okko, Mineke en Trineke. Frou Vos koe ôfgrysliek Grinslâns prate.

Yn dy tiid waarden noch de hynders beslein. De ringen, wêr't de hynders oan fêst sieten, sieten oan de muorre fan de buorlju.

En dy buorren wienen **Edema en syn frou**. Se dreauen in kleanwinkel oan de Legewei. Edema sels prate oer syn "mooi guud". Letter waard de saak oernommen troch syn soan Jilles en skoandochter Jannie.

Roel de Jong en syn frou wennen oan de oare kant fan de Edema's. Dat wienen doe al âldere minsken dy't stil wennen. Soan Pyt hie in slachterij yn de Skoalstrjitte.

Dêr wer neist wennen **Jehannes van der Wal en de frou**. Se hienen in drogisterij. Se wienen mear bekend as Jehannes Oegjes. Hy hat destiids mei Foppe Banga en Jan Steegstra drukkerij en boekhannel "Trio" oprjochte. Gryt wie harren dochter. Soan Oege en syn frou ha letter de saak oernommen.

Nei in stege, dy't destiids nei de grossierderij fan Heatse Rinzema liede en noch letter nei de boarterstún dy't doe oanlein wie, kaam de drukkerij fan de **fam.**

Doevendans: "De Motor".



Links Boekhannel Doevendans (foarhinne Keuning en gebr. Van der Meulen) en derneist it grutte gebou op 'e hoek (letter Venema en oare winkels). Dit wie û.o. kanton-gerjocht, grietenijhus, gemeentehûs, postkantoar en museum "Oost Indië".

Hjir waard û.o. de "Burgumer Krante" drukt. Theun Doevendans wie eartiids noch altyd belutsen by fuotbal fan v.v. B.C.V. Fandêr ek dat we fanôf tongersdeitejûn oan de winkeldoar de opstelling fan de kommende saterdei te witten komme koenen. Ik wit noch dat de dochter fan Ganzinga destiids yn de winkel stie. Sytse en Taeke wienen de twa soannen. Adrie wie de dochter.

En dan komme we oan it lêste hûs ta op de Legewei. Op de hoeke it grutte hege pân fan **Auke Venema**. A.K. Venema. De "K" stie foar Klaas. Yn de folksmûle wie it lykwols meastal Auke Kikkert. Auke Venema hie fan alles en noch wat te keap. Reiten matten, mar ek wol diggelguod. Je koenen der sels terjochte foar klompen. Auke Venema hie meastal in prûmke achter de kiezen en sa nou en dan spuide er wat brune jarre op 'e dyk. Op it gefaar ôf ien te ferjitten, mien ik my dochts de nammen fan de bern te heugen: Klaas, Keimpe, Hindrik, Jan, Anneke, Oeds en Froukje. Guon jonges ha letter de saak oernommen en binne oan de Noardersingel yn in nije saak fierder gien yn meubels.



Boppe de klok it nammebuordsje fan de winkel fan A. K. Venema op de hoeke Legewei - Tsjibbe Geartsstrjitte.

Beslút:

1. Dit wienen wat âlde oantinkens oan myn jeugd. In protte dingen binne al lang wat ûndersnijd. Mar al skriuwend komme je wer hiel wat dingen yn't sin. De Legewei is lykwols myn Legewei net mear. Jo kinne neat werom. Wer is dy moaie ûnbefongen tiid bleaun? Doe't elts elkoar noch "dei" sei en de minsken kend waarden oan harren bynammen?
2. As minsken har kwetst fiele troch bynammen, dan wol ik my yn't foar ûntskuldigje, want dat is net sa bedoeld, mar sa koenen we elkoar doe!
3. Ik hoopje dat it net te dreech wurden is om te lêzen, want ik ha mei opsetsin besocht it stik sa koart mooglik te hâlden.
4. Korreksjes en oanfullings fansels tige wolkom.

Rinze van der Wal
De Kamperfoelie 4, 9203 LT Drachten.

Oanfolling by de Legewei

Hjirby noch in oanfolling op 'e skearwinkel fan Bulthuis. De measte mannen gongen net ien kear, mar alle dagen te skearen. Dit koste dan mar 2 dûbeltsjes de kear. Elts hie syn eigen kwaste. Dy hongen oan in rekje op namme.

De skearwinkel wie net allinnich foar de nijtsjes, mar der wurde ek hannel dien.

Ik wit noch dat skoanheit Edema der in boat kocht hat foar syn jonges. In Bulthûs jol of in lytse BM-er en wol fan Piet (skuonmakker) Zijlstra.

Ek hat hy der syn hûs kocht wê't se letter wennen oan de Noardersingel, wer 't no de ABN bank stiet. Hy kocht it fan Jan van der Berg, dy wie timmerman en die ek wol wat yn hûzen. Hy wenne tsjinoer de skearwinkel.

Jan hie sa'n skjinne frou, dat as hja oant auto himmeljen wie, en dat duorre him te lang, dan ried er foart !

En hja..... se stie noch op it trepke oan 'e dyk.....

Jannie Edema.

Oanfolling "Sunny Home"

Tusken it notariskantoar en de bakkerij fan bakker Overwijk stie in hûs dat as namme hie "Sunny Home". Dit waard bewenne troch de widdofrou fan G.W. Navis. Se wenne der mei har beide bern: Tonnie en Richt. Har man, fersetslieder yn Burgum, dy't hjir destiids Ryksûntfanger wie, wie yn de oarloch ûnderdûkt yn Putten. Hy is mei de measte manlju yn Putten, as wraakaksje op in oanslach fan Rauter destiids by de "Woeste Hoeve", troch de Dútsers fermoarde. Der is letter noch in strjitte nei him ferneamd: de G.W. Navislaan. Mefr. Navis is letter ferhûze nei de strjitte dy't nei har man ferneamd is. Soan Tonnie (dokter) is noch direkteur west fan ferpleechsintrum "Hillama Sate", no "Berchhiem".

Letter wenne yn dit hûs noch de fam. Durk Scherjon en noch letter de fam. Herre Kampen. In nije eigner lit it wer tige opkreasje.

Mijn bijdrage: Jeltsje Haisma-Boskma

Tjalling Hajes en Burgum

Op de foto sjoch ik in man dy 't wit wat er wol. Syn hannen hâlde de earmleuning omklamme, as woe er sizze: hjir sit ik. Syn klean binne fan **in man fan wizânsje**, koartsein in persoanlikheid !

Doe 't er 18 jier wie, wie er mei syn broer en fiif susters al wees. En al mûnich makke. No is dat ek sa, mar yn dy tiid wie it 21 jier.

Hy is berne yn 1851 yn de foarein fan de pleats dy 't syn oerpake sette litten hat. Foar dy jierren, en noch, in foarname huzinge mei fjouwer gollen.

Ferneamd is er nei syn Pake dy 't „**Maire**“ (boargemaster) fan Burgum west hat. Syn foarfaars wienen boer, mar yn wêzen bestjoersminsk. En dienen dat ek.

Doe't er yn tsjinst moast naam er in ramplesant (ferfanger). It portret en myn deistich kuierke yn Burgum makken, dat ik Pake rûnom yn it doarp weromseach. Om 't er gjin boer wie, mar mear yn 't bestjoerlike him ynsette en ynleefde, wenne er yn de Skoalstrjitte wer foarhinne in makelder siet. Op it hiem is no ythûs "Het Somerhuys".

Om 1900 hinne liet er in rinteniershûs sette oan de Legewei, no njonken de "Kringloop" winkel. De laaien op it dak binne tink ik de ienichste yn Burgum. Dy hâlde de kjeld tsjin en by 't simmer is 't koeler. De kastanjebeammen dy 't er as jonge boer plante hat, steane der noch.

Sa as ek de platanen yn Tuskendiken, oan it ein fan de Tj. Haismastrjitte, dy 't syn namme hat. Eartiids wie it in skieding tusken syn lannen en Tuskendiken.

Riedslid wie der oan it ein fan de njoggentjinde ieu: fan 1885 oant en mei 1897. Ek 20 jier wie er foarsitter fan wat no fersekeringsmaatskippij "Univé" is.

De knierstok mei sulveren knop dy 't er krige, stiet no njonken de siktêre fan syn jongste pakesizzer.

De Nutsbewaarskoalle (beukersskoalle), wie oprjochte mei troch syn krewearjen. Ek oan it molkfabryk op 'e Burgumerdaem joech er jierren lang syn krêften. Foar de tsjerke wie er presidint-tsjerkfâd.



Noch follemear “baantsjes” hat er hân, hy libbe foar Burgum. It is dan ek net frjemd dat ik him yn it doarp rûnom tsjinkom?

Doe 't ik tweintich jier wie, kaam ik foar 't earst yn de kunde en tocht dit is no de ferneamde Tjalling Hajes Haisma, dy 't libbe fan 1851 oant en mei 1942.



It hûs oan de Legewei. Letter bewenne troch klearmakker Van der Wal.

Mijn bijdrage: Pieter Bekkema

De Bekkema's: karriders van Burgum.

De opkomst en neergang van een karrider familie

Als kleinzoon van de oude PIETER BEKKEMA heb ik, Pieter Bekkema (1949) van 1964 tot 1969 ook het beroep als 'karrider' mogen doen bij de Fa. Gebr. Bekkema.

In 2009, toen ik met prepensioen ging, kreeg ik meer tijd en interesse in de geschiedenis van mijn pake Pieter Bekkema en de Fa. Gebr. Bekkema

Na veel uitzoeken is uiteindelijk dit archief ontstaan.

Foto uit 1950:



*V.l.n.r. Pieter Bekkema sr (51 jr), Klaas Bekkema (27 jr),
Pieter Bekkema jr (1 jr), Klaas Bekkema (86 jr).*

De start in 1926

Pieter Bekkema sr., wonende te Bergum, koopt voor 200 gulden een paard en wagen van iemand uit Weidum.

Hij begint een bodedienst (karriderij) Bergum - Leeuwarden v.v.

De eerste rit was op 19 juli 1926.

Op een zijplank van de wagen stond gegraveerd :

Weidum-Leeuwarden-Sneek



Deze plank is nog in bezit van Pieter Bekkema jr.

De auto doet z'n intree in 1928

Pieter Bekkema sr. koopt een nieuwe 4 ton's T-Ford met aanhanger.

kenteken: B-12407



Deze foto is genomen naast "de Pleats" in Burgum.

De T-Ford in 1929



Pieter Bekkema, zijn vrouw Elisabeth Ringnalda en hun kinderen Klaas en Baukje.

Pieter Bekkema

met de transportfiets

op de Nieuwestad

in Leeuwarden.

Wat hangt er aan het stuur?!

Twee hazen!



Even zonder auto....

In de Tweede Wereldoorlog werd de Chevrolet van Pieter Bekkema voor de mobilisatie gevorderd.

Daarom werd de bodedienst veelal met de concurrenten gezamenlijk onderhouden door met z'n allen op de stoomboot "De Vier Gebroeders" van Van der Wielen uit Burgum naar Leeuwarden te gaan.

Met de concurrenten op een boot was er natuurlijk ook wel eens een woordenwisseling. Na een jaar had Pieter het wel gezien en kocht weer een paard om de bodedienst weer alleen te doen.

Na de oorlog begonnen Pieter Bekkema en Germ Noordmans de combinatie:

BODEDIENST BEKKEMA / NOORDMANS BERGUM - LEEUWARDEN V.V.

Met "Iephof"

In 1946 was Anne Bosgra van de boomkwekerij Fa. Iephof, mede vanwege het eigenbelang voor het vervoer van zijn bomen, geldschieter voor de aankoop van 2 nieuwe Engelse Bedford vrachtwagens, een 4- en een 6 tonner. Het stuur van de Bedford zat aan de rechterkant!

Klaas Bekkema:

1951- Bodediensten Eernewoude -1956

Klaas Bekkema kwam als 14-jarige jongen in 1937 in dienst bij zijn vader Pieter Bekkema. Toen Klaas in 1951 vernam dat Boderijder Hamstra uit Eernewoude failliet ging, besloot hij om dat bedrijf over te nemen en voor zichzelf te beginnen. Vader Pieter was het hier niet mee eens en wilde Klaas dan ook niet met geld helpen.

Klaas kocht het bedrijf toch, door 6000 gulden te lenen van Bouke Venema, riethandelaar uit Eernewoude

In 1951 kwam zijn broer Engbert Bekkema bij hem in dienst en in 1952 kocht hij een Chevrolet vrachtwagen.

Door ziekte kon Klaas het zware werk niet meer doen en zodoende verkocht hij het bedrijf in 1956 aan Hein Boonstra uit Holwerd.

Engbert Bekkema is nog een jaar bij Boonstra gebleven en in 1958 ging hij bij zijn vader Pieter Bekkema in dienst.

Klaas werd buschauffeur bij de N.O.F. in Dokkum, maar door zijn ziekte werd hij in 1960 afgekeurd bij de N.O.F.

In 1961 heeft zijn vader hem weer in dienst genomen. Klaas ging er op het kantoor werken.

Broederdienst in wortelen.....

Reinder Bekkema had tot 1964 een eigen tuinbouwbedrijf. Was het druk bij zijn broers dan hielp Reinder mee met bijvoorbeeld verhuizingen.

Maar zijn tuin moest natuurlijk ook doorgaan. Als schooljongens werkten wij in de vakanties bij Reinder.

Wat ik nooit vergeet is dat als het regende en de V.W. Pick-up was thuis dan haalden we de huif van de V.W. en lagen onder de huif wortelen te rooien. De volgende dag was er dus weinig groente op de veiling maar Reinder had **wél** zijn wortelen op de veiling!!



Op het Bodeterrein in Leeuwarden. V.l.n.r. Pieter, Theunis en Engbert Bekkema en Pieter Feitsma.

Het vak van "Karrider"

De 5 jaar als "karrider" zal ik nooit vergeten, wat een prachtige ouwe tijd (1964-1969).

In 1964 zat ik op de L.T.S. in Drachten. Toen mijn vriend en ik op een morgen weer richting school fietsten zeiden we tegen elkaar dat we helemaal geen zin hadden in school en dat we veel liever bij onze vaders in hun bedrijf wilden werken.

Zo ging dat in die tijd. Dus ik werd 'KARRIDER'.

Hier enkele voorbeelden van wat wij vervoerden **voor fabrieken en bedrijven** in Bergum:

Fa. "Iephof" boomkwekerij, struiken en bomen naar Leeuwarden en het hele land; Fa. J. R. Douma, zaden en tuingereedschap; Timmerfabriek H. H. de Boer, keukens, kasten en deuren, enz.; Eierhandel van der Meer, kisten met eieren; voor de scheepswerf Suameer, flessen zuurstof en flessen gas.

Was er een brand in Burgum geweest, dan namen we de vuile slangen mee naar de brandweerkazerne in Leeuwarden. Daar werden ze schoongemaakt en gedroogd.

Voor de particulieren de kleine boodschappen:

In het voorjaar verkochten we kievitseieren aan de poelier; naar de sleutelspecialist om reservesleutels bij te laten maken; kleding naar de stomerij brengen; dames nylonkousen met een ladder of broeken en jassen met een scheur of een winkelhaak brachten we naar de "Stoppage"; kapotte kunstgebitten naar Fa. Jorna; kenteken bewijzen overschrijven op het belastingkantoor; naar de V&D om de vrijdag voordeel aanbiedingen zoals potten en pannen, huishoudtrappen, droogrekken, enz. te kopen; dameskorsetten om te herstellen naar Hofstede; de koeienhuiden van de noodslagers (in een leeg olie vat).

Alles vanaf het Oldehoveplein

Wij waren om ongeveer 1 uur 's middags op het bodeterrein bij de Oldehove.

Hier bezorgden we dan eerst de goederen bij collega-boderijders voor vervoer verder het land in. De kleine boodschappen losten we op onze vaste standplaats.

De vrachtwagen ging dan de stad in om de grote partijen te bezorgen en de grote bestellingen op te halen.

Ik ging dan op de transportfiets de kleine boodschappen doen. Zo fietste ik ook, net zoals pake eertijds, met eenden en hazen aan het stuur over de Nieuwestad.

Op onze vaste standplaats bij de Oldehove werden ondertussen door bedrijven goederen neergezet, die bestemd waren voor Burgum e.o. De vrachtbrieven werden verzameld en de goederen bij regen of sneeuw onder een groot dekzeil gelegd.

Om ongeveer 4 uur kwam de vrachtwagen terug uit de stad en moesten alle goederen van de grond in de vrachtwagen worden geladen. Rollen lood van 100 kg, zakken meel van 50 kg, vaten olie van 200 kg enz. We hadden toen nog geen laadklep, dus alles moest met de handen. Daar hadden we natuurlijk wel foefjes voor zoals een lege jutezak: daar werd dan een zwaar ding op gezet en dan met twee of meer mankracht in de auto getild .

Voor vaten olie hadden we altijd een strijker onder de vrachtwagen bij ons. Dat waren 2 lange balken die werden bij elkaar gehouden door 2 stukken dwarsijzer. De strijker werd dan schuin omhoog tegen de auto geplaatst en met een stuk touw om het vat stond er een man in de auto te trekken en een man onder om het vat omhoog te duwen.

Zodra alles in de vrachtwagen geladen was, gingen we naar het "veerhuis" om koffie. Onder het genot van de koffie moesten de vrachtbrieven op volgorde van lossen worden gelegd. Dat ging als volgt: de adressen van Burgum-Noord tussen de duim

en wijsvinger Burgum-Zuid tussen wijsvinger en middelvinger Burgum-West tussen middelvinger en ringvinger, enz. Dus niks geen boardcomputer of Tom Tom.

Bij aankomst 's avonds in Bergum bezorgden we nog de spoedgoederen bij de klanten, bijvoorbeeld de medicijnen bij de dokter en drogisterij of het gerepareerde kunstgebit bij de particulier (konden de mensen toch nog lekker eten!!).

Geld transport

